



SEIZOEN 2021-2022



SDS

JUBILEUMBOEK



SDS 75 JIER

WEBSHOP S.D.S.



T-Shirt + Polo



Short



Rugtas + Sporttas



Trainingspak



Jas met kap + Vest



Trainingsset



Ziptop + Sweater



Trainingsbroek



Schoenentas + Handdoek

CHECK:
VVSDS.TEAMSHOP.CLUB

**OF SCAN DE
QR CODE!**



m¹muta
WWW.MUTASPORT.NL

FOARWURD

Hjir foar dy leit it SDS-jubileumplaatsjesboek nei oanlieding fan it 75 jierich bestean fan vv SDS. Wy hawwe foar dizze foarm keazen om it boek troch de plaatsjes oantreklik te meitsjen foar de jeugd en troch de ferhalen foar de âlderein. Dit nei it foarbyld fan it jubileumboek fan 100 jier sv THOR út Lippenhúzen. De fuotballers dy 't yn it 75e jier fuotballe hawwe foar SDS steane yn dit boek. Dêrom giet it oer it ôfrûne seizoen 2021-2022.

Yn sa'n jubileumboek kinne je spitich genôch net oeral oandacht oan jaan. Der binne safolle fuotballers en frijwilligers yn al dy jierren west en dêrmei safolle ferhalen dat je der wol boeken mei fol skriuwe kinne. Elkenien hat derby syn eigen ûnderfinings hân. Op de webside fan SDS hawwe wy it grutste digitale argyf fan alle Fryske fuotbalklups mei û.o. stikken oer SDS dy 't yn ferskeidene kranten stien hawwe. Hast alle edysjes fan ús klupblêd De Treffer kinst dêr ek fine. Wolst dy fierder ferdjipje yn it ferline fan SDS dan kinst dy hjir in hiel skoft mei fermeitsje. By it 50-jierich jubileum fan SDS is der in SDS-jubileumboek útkaam. Op www.vv-sds.nl kinst dat boek ynkoarten digitaal fine. Wier de muoite wurdich om troch te lêzen! Dit SDS-jubileumplaatsjesboek kinst sjen as in ferfolch dêr op.

Us grutske tank giet út nei fotograaf Henk Bootsma dy 't foar ús fan alle spilers fan SDS 1 en Vr.1, alle jeugdspilers en hast alle team-foto's en aksjefoto's levere hat. Dêrneist tankje wy Jumbo-Kooistra Wommels foar it stypjen en Grafische groep Van der Eems foar it meitinken, it ûntwerpen en it drukken. En no as de bliksem nei Jumbo-Kooistra yn Wommels om plaatsjes te skoaren. By eltse €10,- oan boadskippen en by bepaalde aksjeprodukten krije je fjouwer plaatsjes. Wa 't it boek it earst fol hat!

Willem Wijnia
foarsitter vv SDS

Inisjatyf
Willem Wijnia

Foto's
Henk Bootsma


Teksten plaatsjesboek
Aant Hofstra
Anna-Marie Wijnia-Kuindersma
Bauke Tj. de Boer
Jelle de Boer, Wouter Hijlkema en
Jan van Asselt
Harmke van der Werf
Jan Hiemstra
Meinte Wesselius
Tjerk van der Pol
Willem Wijnia

Opmaak en druk
Grafische groep Van der Eems

Mei tank oan
Eelco Boonstra, Frank Bervoets
en Erik Kooistra
fan Jumbo-Kooistra Wommels

Bestjoer vv SDS: ponghâlder Henk Postma, PR-en reklameman Bauke de Boer, foarsitter Willem Wijnia, wedstriidsekretaris Syb Overal, skriuwster Tryntsje Bouma, ledenadministraasje Catharina Postma en technyske saken Jaap Toering. Terreinman Marco Groothof mist op de foto.





Arco Bervoets

SDS-1




Douwe-Jan Vellinga

SDS-1




Erik Haitsma

SDS-1



Gerbrand Kramer

SDS-1




Gerwin Sijbesma

SDS-1




Hendrik de Jong

SDS-1



Jaap Toering

SDS-1



Jelte-Pieter Dijkstra

SDS-1



Lourens van der Pol

SDS-1




Luuk van der Schaar

SDS-1




Mark Klijnsma

SDS-1




Matthijs Postma

SDS-1




Peter Hoogerwerf

SDS-1




Pieter Sijtsma

SDS-1



Remco Hijlkema

SDS-1



Sjoerd de Boer

SDS-1



Boppe: Gerbrand Kramer, Wesley van de Wint, Steven van der Pol, Remco Hijlkema, Lourens van der Pol, Mark Klijnsma, Jaap Toering, Gerwin Sijbesma, Stan Korbach, Hendrik de Jong, Pieter Sijtsma, Sjoerd de Boer, Peter Hoogerwerf en Wiltse Aardema.

Under: Wiebe Heeres, Douwe-Jan Vellinga, Luuk van der Schaar, Matthijs Postma, assistent-trainer Jappie Wijnia, trainer/koach Douwe Posthuma, assistent-trainer Robert Hoekstra, Erik Haitsma, Jelte-Pieter Dijkstra, Teun Heeres en Wierd Hofstra. Op de foto misse Anco Bervoets en flagger Hendrik Sweering.





Stan Korbach

SDS-1



Steven van der Pol

SDS-1



Teun Heeres

SDS-1




Wesley van de Wint

SDS-1



Wiebe Heeres

SDS-1



Wierd Hofstra

SDS-1



SJURTSJES

Yn 2005 is der bij SDS in ludike aksje om safolle mooglik SDS fuotballers op de foto te krijen mei it sjurtsje fan harren favorite klup en/of spiler. It is dan al gewoan om op de training in moai kleure sjurt oan te hawwen. It binne foaral de jonge leden dy't jierdeis, Sinteklaas en oare gelegenheden oangripe om it favorite sjurt te besetten. Op de webside fan SDS kinne wij se dan allegear sjen litte. It is aardich om te sjen wat yn 2005 de favorite nammen op de rêch binne. Dat Dirk Yde Sjaarda mei in Feyenoord sjurt op de foto wol,



sil gjin nijs wêze. Dat syn favoryt doe de Japanner Ono is, liket anno 2022 wol ferrassend. Doede-Rients Okkema sjocht Del Piero as syn grutte foarbyld, Dirk de Jong hat NedVed op syn iene sjurt en Nurmela op syn oare sjurt en Willem Wijnia wol op Ginola lykje en is súnich west op syn Maradonna sjurt, want dêr rint hij no noch yn. De trije Kooistra's hawwe allegear harren eigen favoryt. Doede is Eto'o, Gerrit is Kahn en Sytze sjocht it foaral yn Vieri sitten. Lolke Hofstra lit him it leafst yn in sjurtsje fan Liverpool sjen en Hendrik Eringa dy lit der gewoan Ozzy opsette, syn favorite rocker. Der binne twa dy hawwe de kast fol. Thús bij Jildert Hylkema en thús bij Sicco Scheltema is it in hiele omklaaijerij at sij de iene nei de oare oan- en útlúke, sadat wij in foto meitsje kinne. Sjoch no anno 2022 bij in training fan de jeugd fan SDS. It tilt op fan de sjurtsjes. De suksessen fan Ajax de lêste jierren hat ta gefolch dat dy sjurtsjes it hiel goed dogge bij SDS. Sij komme lykwols net boppe it oantal fan sc Hearrenfean út. De nauwe kontakten fan SDS mei dy klup (goedkeape jeugdkaarten foar thúswe wedstriden), hawwe ta gefolch dat de pompeblêdensjurtsjes foar master opslaan. It sjurtsje hâldt syn wearde at je dêr gewoan je eigen namme opdrukke litte, want de measte fuotballers bij betelle fuotbalklups binne nei oardel jier al wer fuort foar in nije útdaging at je it fatsoenlik sizze wolle. It is fansels op syk nei in better kontrakt. Doe't wij fan dy jonges wiene en fuotballen op de Terp of in oar gersfjild yn Wommels, hiene wij gjin sjurtsje mei nammen. Ik rôp gewoan at wij begongen: ik bin Coen Moulijn (ik bin rjochts) wylst Chris rôp ik bin Sjaak Swart (Chris is links). Nei trije balkontakten wist elkenien it wol. Dat is net Coen mar Aant, dat is net Sjaak mar Chris.

Aant Hofstra



IT FERHAAL FAN SDS

Fansels hawwe alle leden en frijwilligers yn de ôfrûne 75 jier it ferhaal fan SDS makke. Sy hawwe de kultuer bepaald en makke dat in protte minsken yn Easterein, Wommels en omkriten in grut part fan harren libben yn ferskate rollen mei nocht oan de klup ferbûn binne. In klup dy't fielt as in famylje. Yn dit ferhaal beheine wy ús lykwols ta ús flaggeskip, it earste alvetal.



Yn de fjirde klasse KNVB op in dieldle lêste plak mei Makkum. Nei in beslissingswedstriid luts Makkum oan it langste ein. Sa bedarre SDS wer op it nivo wêr as se op dat stuit thúsharden. Dat soe oant 1973 sa bliuwe. Anno 2022 spilet SDS yn de tredde klasse fan de KNVB. Mar de tredde klasse fan hjoeddedei is net goed te fergelykjen mei de tredde klasse fan bygelyks de jierren '80. As wy it yn in relatyf perspektyf pleatse dan sjocht it plaatsje der hiel oars út.

Understeande grafyk lit dit plaatsje sjen. In fiktive posysje wêrby rekken holden is mei it oantal nivo's ûnder en boppe de klasse wêr SDS troch de jierren hinne yndield is. De relative posysje tusken eredivysje en it leechste nivo fan de sneons ôfdieling fan distrikt Noard.

Net allinne promoasjes of degradaasjes, mar ek reorganisaasjes fan de KNVB soargen foar relative ferskowingen. It relatyf lege nivo wêrop SDS fanôf it seizoen '16/'17 spilet komt ek trochdat der oan de ûnderkant klassen weihelle en oan de boppekant klassen tafoege binne.

It kollektyf geheugen fan SDS

Yn de oanrin nei dit 75 jierrich jubileum wurde de 'helden ferhalen' wer oprakele. Ferhalen oer de grutte suksessen út it ferline. Sterke ferhalen fan it ûnferskrokken en thúshast ûnferslaanbere swart-wyt kollektyf. 'We wisten wat wy koenen en ek wat wy net koenen, we fjochten foar elkoar as lieuwen, ûnfersetlik, hurd (mar net gemien), in mijs fan rûte en golven fan oanstoarmjende jeugd', dat is sa'n bytsje de reade tried yn de ferhalen oer de histoaryske súksesmominten dy't grift binne yn it kollektyf geheugen fan SDS'ers. Yn de grafyk binne dizze mominten oanjûn mei in griene stjêr.

Snits, woansdei 10 maaie 1973

Kampioen 1e klasse FVB en promoasje nei de 4e klasse KNVB

De oanrin

Begjin santiger jierren ûntstie der in prachtich kollektyf mei ûnder oare de twillingbruorren Durk en Fedde Ypma, Wopke Dragstra, Tinus Hoekstra, Freark Smink, Jan de Jong, Theo Jelsma en Geert Hiemstra. Yn 1973 heaken de talintfolle jeugdspilers: Pier Zijlstra, Piet de Jong, Jan van Asselt en Siep Visser oan by it earste. Geandewei it seizoen kaam SDS (ûnder lieding fan trainer Theo Jansen) op stoom en pakte yn de lêste fiif wedstriden de folle winst. Dochs seach it der lang nei út dat DWP kampioen wurde soe. Hoewol DWP yn it sicht fan de haven punten fergriemde, hoegden sy op de lêste dei allinnich mar te winnen om kampioen te wurden. Dat barde lykwols net. Der moast in beslissingswedstriid spile wurde op neutraal terrein.

De wedstryd

SDS krige in magyske glâns oer him hinne. It wie krekt as sloech dat oer op de ynwenners fan Easterein en Wom-

Yn de earste fiif jier nei de oprjochting spile SDS noch net yn kompetysjeferbân. Doe't yn 1952 de sprong weage waard, moat dat grif ûnwennich west hawwe. Yn de kelder fan de ôfdielingsbûn, de FVB, einige SDS op it lêste plak, stiif ûnderoan. Eins kin fêststeld wurde dat SDS oant 1973 fuotballe hat yn de ûnderôfdieling fan de KNVB, de FVB. Yn 1967 hat der lykwols in lyts útstapke west nei de 4e klasse fan de KNVB. SDS promovearre doe sûnder kampioen te wurden. Yn dy kompetysje einigen se op in fjirde plak. In jier letter einige SDS



mels. Op woansdeitejûn 10 maaie wienen de strjitten leech yn beide doarpen. Eltsenien fiede dat der in unyk momint oan siet te kommen en nimmen woe dat misse.

It dekôr wie it fuotbalfield fan Snits. Dêr koe op jûns fuotballe wurde, dêr hienen se ljochtmêsten.

Op 13 maaie 2022 (hast 50 jier letter) sjogge de tsjinstanders fan doe, Piet de Jong (SDS) en Johan Visser (DWP) werom op dizze wedstryd. Sy hawwe ôfpraat op it plak wêr dizze legendaryske wedstryd spile waard. It fjild, de tribune, de kantine, se stean allegear noch op itselde plak. De kantine ademt histoarje út. Op de muorre hinget de kampioensfoto fan Snits (amateurkampioen fan Nederlân) út 1970. De plakboeken komme op tafel. Beide klups fiere yn 2022 it 75-jierig jubileum.

Johan Visser lit it jubileumboek fan DWP sjen. Hjir yn wurdt 10 maaie 1973 as in 'gedenkwaardige dag' yn de skiednis fan DWP oanhelle. Ek Sint Jânsga wie massaal útrûn foar dizze ljochtwedstryd. Piet hat dizze wedstryd oant yn de details ûnthâlden. Foar Johan is dat oars. Hy hat it measte ferdrongen.

Piet: 'Wy kamen de spilerstunel út en it fjild op ûnder in alderheislikst lawaai. It wie krekt as of ús wite shirts ljocht joegen. De adrenaline streamde troch ús liif. Dat makke ús fuortdaliks skerp'

Johan: 'Op ús hie dat it tsjinoerstelde effekt. It oerrompele ús. Foardat we it wisten stienen wy mei 2-0 achter. Wy koenen net mear yn ús spul komme. Der wienen seis of sân spilers dy't djip ûnder de yndruk wienen en dêrtroch fier ûnder hun nivo spilen'

Foar de rêst berikt SDS de einstân fan 3-0, mei doelpunten fan Piet de Jong, Theo Jelsma en Siep Visser.

Delfstrahúzen, sneon 26 april 1980

Promoasje nei de tredde klasse KNVB

Under lieding fan trainer Roel de Wit pakte SDS op de lêste kompetysjedei de titel yn de fjirde klasse tsjin Delfstrahúzen. It seach der dy middei lang nei út dat it in lyk spul (en dermei in beslissingswedstryd tsjin CVVO) wurde soe. Mar mei stipe fan it grutte Easterein en Wommelser supporterslegioen waard in oerwinning oer de streep lutsen. SDS wûn dy middei mei 1-2, troch doelpunten van Wouter Hylkema en Siep Visser (beide mei in assist fan Piet de Jong).

De jonkjes fan '73 wienen no de rûtiniers en oanfolle mei Klaas Okkema, dy't al in oantal jierren de grutte smaakmakker fan SDS wie en in útsûnderlik goeie lichting jeugdspilers, sa as Wouter Hylkema, Wim Bakker, Henk Walda, Ids Boersma en de bruorren Lolke en Hendrik Okkema, slagge it SDS om it tredde klasse-niveau acht jier fêst te hâlden. De tredde klasse yn dy tiid wie te fergelykjen mei de twadde klasse fan 1996-2010. De earste jierren yn de tredde klasse die SDS goed mei en eindige yn it sprekwaardlike rjochter rjitsje. It absolute hichtepunt yn dy jierren wie it seizoen '83/'84 ûnder lieding fan Henk Buning. SDS eindige doe twadde mei 1 punt achter kampioen Broekster Boys. Op 7 april 1984 spile SDS thúsh Broekster Boys mei 5-1 fan de matte. In wedstryd wêr't noch altyd oer praten wurdt. Wim Bakker: 'We wisten donderdag op training



al dat we zouden gaan winnen. De felheid en gretigheid spatte er vanaf. Op de dag van de wedstrijd gingen we voor elkaar door het vuur, we gaven Broekster Boys geen centimeter ruimte, we waren tot op het bot gemotiveerd'.

Nei de suksesjierren yn de earste helte fan de tachtiger jierren is SDS in pear nivo'tsjes sakke. It djiptepunt wie it sechde plak fan de earste klasse FVB yn 1991. Dernei folgden twa promoasjes op rige. De kranten kopten: 'SDS eindelijk weer op het niveau waar het thuis hoort'. Dat wie neffens de kranten: de fjirde klasse. Mar der siet folle mear yn. De seleksje bestie út routiniers en liederen wêr de jongere spilers graach nei lústerden. Ek doe skowden talintfolle jeugdspilers oan. Earst Jappie Wijnia en Wichard Deinum, letter Floris Hiemstra, Peter Sijbesma, Gertjan Hiemstra, Robert Sijbesma, Harm Stremmer en Robert Hoekstra. In alvetal besteande út gretige 'jonge honden' en in pear 'waakhonden', neffens de kranten.

It earste jier yn de fjirde klasse ('93/94) wist alles der op dat SDS foar de tredde kear efter inoar kampioen wurde soe. Se eindigden as twadde en sneuvelden dernei yn de neikompetysje.

Mar eltsenien wist dat dizze groep noch in stap meitsje koe. Dat soe allinne mar in kwestie fan tiid wêze. In jier letter wie it safier.

Ljouwert, sneon 20 maaie 1995

Promoasje nei de tredde klasse KNVB

It wie in frjemd seizoen. Healwei de kompetysje naam trainer Klaas Dijkstra it stokje oer fan Gerlof Jan Sloterdijk. Op dat stuit wie de enerzjy der wat út. Klaas slagge der yn it hillige fjoer wer op te stoken.

SDS helle de neikompetysje en nei winst yn de poule folge in beslissingswedstryd op neutraal terrein op it fjild fan Blauw Wit yn Ljouwert. Tsjinstander: de winner fan de neikompetysje fan in oare fjirde klasse, 't Fean '58. In memorabele dei. Fuotbalkenners tipten 't Fean '58 as favoriet. Mar yn in allesbeslissende finale giet it der ek om of jo mei de spanning om gean kinne.

Ek no wie der in grut supporterslegioen oanwêzich út beide kampen. Spandoeken, toeters, fakkels en in hiel protte geraas. En lykas yn 1973 wie it SDS dy't it bêste mei de spanning om gean koe. Sterker noch: SDS stuts dêrtroch boppe himsels út, wylst 't Fean '58 yn de kramp skeat.

De foarhoede fan SDS wie yn dy perioade miskyn wol de bêste en meast komplette yn de skiednis fan SDS. Alle wapens koenen brûkt wurde om de ferdiegening fan tsjinstanners in drege midde te besorgen. De kreativiteit en flitsende aksjes van Robert Sijbesma, de kopkrêft en it skoarrend fermogen fan Jappie Wijnia en de snelheid fan Wichard Deinum. Kompletter hat it nea west.

Dy middei ferkearden sy alle trije yn de foarm fan harren libben. SDS wûn ôftekene mei 5-1. Doelpunten: Wichard Deinum, Jappie Wijnia (2x) en Robert Sijbesma (2x).

Trainer Klaas Dijkstra paste tige goed by de kultuer fan de klup. Dat soarge derfoar dat hy altyd in berop op de spilers dwaan koe. Net allinne yn it fjild mar ek derbûten. Bygelyks as hy wat handsjes nedich hie om te ferhúzjen. Under Klaas koe SDS him yn de fiif folgjende seizoenen sûnder problemen handhava op dit nivo. Nei in jier as tredde klasser wurdt SDS troch in reorganisaasje fan de KNVB yn it seizoen '96/97 yndield yn de twadde klasse.

Yn 2000 komt Kees Jansen as nije trainer bij SDS. Yn syn twadde jier degradearret SDS. Yn in promoasje/ degradaasje wedstriid ferlear SDS mei 3-1 fan Bolswardia.

Kees wie der fan oertsjûge dat SDS in maatsje te grut wie foar de tredde klasse. Ek no wer wie der in goeie ljochting jeugdspilers trochbrutsen. Hendrik de Jong, Dirk-Yde Sjaarda, Skelte Anema, Tjipke Okkema, Tseard Halbesma, Mark Postma, de bruorren Jacob-Klaas en Erik Haitsma en Kees Adema spilen by de A-junioren al op in heech niveau en koenen harren ridlik gau ynpasse yn it earste alvetal.

De twa jier yn de tredde klasse ûnder lieding fan Kees Jansen wienen jierren mei spektakulêre ûntknopingen. It earste jier eindigde SDS as twadde en fia de neikompetysje slagge it doe krekt net om werom te kommen yn de twadde klasse. Op neutraal terrein yn Ljouwert op it fjild fan FVC ferlear SDS mei 2-1 fan Trynwâldster Boys.

It twadde jier wie it wol raak. Ek doe mei in tige spannend slot, wêr't it gie tusken SDS en Be Quick.

Mei noch twa wedstriden te gean trof SDS koprinne Be Quick yn Easterein. Be Quick hie trije punten foarsprong en koe kampioen wurde. Der wienen bussen mei supporters meireizge. Underlieding fan skiedsrjochter Kraak waard it in echte 'kraker'. Nei 5 minuten mei 1-0 foar troch in eigen goal. Efkes letter mei tsien man fierder nei in reade kaart foar Gert Jan Hiemstra. De reade kaart makke ekstra krêften los by SDS.

Stoarmachtige oanfallen fan Be Quick wurden ûntregele wêrnei SDS gefaarlik counterje koe mei de rappe Hendrik de Jong. Mei twa goals waard Hendrik 'man fan de wedstriid', dy't SDS mei 3-1 wûn. De Ljouwerter krante kopte; 'SDS winnaar van wrede veldslag'.

Ljouwert, woansdei 5 maaie 2004

Yn de kompetysje eindigen SDS en Be Quick tegearre op it earste plak en dat betsjutte in beslissingswedstryd op neutraal terrein. Dit soe tagelyk de ôfskiedswedstryd wurde fan Kees Jansen. It dekkor wie ek doe it fjild fan Blauw Wit yn Ljouwert. Geweldich moai dat Kees syn ferbliuw by SDS bekoane koe mei in kampioenskip en in weromkear nei de twadde klasse op it fjild fan syn âlde klup.

SDS wie dy middei oppermachtich en deklassearre Be Quick. Einstân 3-0 (doelpunten: Dirk-Yde Sjaarda en twa kear Hendrik de Jong).



De Pein, sneon 14 maaie 2005

Yn de Pein wint SDS mei 0-3 en stelt it kampioenskip yn de twadde klasse feilich. Doelpunten: Hendrik de Jong, Gert Jan Hiemstra en Robert Sijbesma. In unieke prestaasje en it absolute hichtepunt yn de 75 jierige skiednis.

In prestaasje dy't op it konto komt fan twa trainers. De earste helte wie dat Lykle Bleekveld. Hy liet SDS spylje yn in zonesysteem. Dat soarge foar goeie resultaten. SDS draaide boppenyn mei. De chemie tusken trainer en spilers wie der spitichgenôch net. Dat makke dat Lykle healwei it seizoen opstapte.

SDS kloppe ferfolgens oan de doar fan in âlde bekende: Klaas Dijkstra. Klaas brocht de ûntspanning en de wille werom. Klaas feroare net folle oan it systeem op in pear lytse oanpassingen nei. Sa krige ien fan de bepalende spilers, Gert Jan Hiemstra, mear frijheid om nei foaren te spyljen. SDS fersterke de kopposysje en joech dy dernei net mear út hannen.

Yn de earste klasse koe SDS gjin potten brekke en eindige mei 6 punten op it lêste plak.

2004 en 2005 binne sportief sjoen de absolute topjierren yn de skiednis fan SDS. Der wienen yn de foarôfgeande jierren in protte goeie jeugdspilers trochbrutsen. Dêrnjonken sieten der by de earste en twadde seleksje genôch kwalitatyf goeie spilers dy't noch lang net oan harren 'pensjoen' ta wienen.

It twadde en earste alvetal spilen yn de earste klasse. Dêrnjonken produsearre dizze groep spilers ek noch in hiel protte goeie sealfuotballers, dy't op 17 jannewaris 2004 de Midwinterkup (it iepen Fryske kampioenskip) wûnen.

Meinte Wesselius





Elske Galema

SDS-VR1



Femke Terpstra

SDS-VR1



Fenna Sweering

SDS-VR1




Gerry-Edou Mollema

SDS-VR1



Hester Kingma

SDS-VR1



Janieke Dijkstra

SDS-VR1



Jildou Sweering

SDS-VR1



Kirsten Hiemstra

SDS-VR1




Larissa Euper

SDS-VR1



Lysanne Wiersma

SDS-VR1



Marit Albada

SDS-VR1



Marrit Hiemstra

SDS-VR1



Petra Koopmans

SDS-VR1



Richtsje Strikwerda

SDS-VR1



Seriette Strikwerda

SDS-VR1



Sieta Tessemaker

SDS-VR1



Boppe: trainer Johan Wittermans, Marit Albada, Kirsten Hiemstra, Jildou Sweering, Lysanne Wiersma, Femke Terpstra, Marrit Hiemstra, Elske Galema en assistent-trainer Richard de Greef.

Under: Fenna Sweering, Sieta Tessemaker, Seriette Strikwerda, Hester Kingma, Petra Koopmans, Richtsje Strikwerda, Janieke Dijkstra en Larissa Euper.



SPONSORING VV SDS

Efkes werom yn de tiid.

De earste sponsors yn foarm fan in advertinsje yn “De Treffer” sûnt 1970, wiene wat winkellju út Easterein en omkriten. Yn 1978-’79 wie Bergstra Textiel sponsor fan SDS2 dat doe trainingspakken oanskaft hat foar it team. Kafee Bergsma sette yn 1979-’80 SDS yn nije trainingspakken. Glas ’80 (Y. Sijszeling) wie de earste shirtsponsor fan SDS1. Nei it earste seizoen is Sijszeling mei G. Minkema (foarsitter) nei K.M.A. yn Wommels west en ha dêr sprutsen mei G. Moeke (direkteur), yn goed oerlis is dêr ôfsprutsen dat K.M.A. de haadsponsor wurdt fan vv SDS. Glas ’80 gie dernei noch in oantal jierren troch as shirtsponsor fan it 2de. Fanôf de 80er jierren krigen steeds mear teams shirtsponsoring, alle senioarenteams, en de A en B junioaren ha dan reklame op de shirts.

Op dit momint fan skriuwen (july ’22) kinne jo je hast net mear foarstelle wat in fuotbalferiening is sûnder sponsors (yn wat fan foarm dan ek). Lyts as grut we binne “tige grutsk” op al ús sponsors dy ús in waarm hert ta drage!! Sûnt 2010 is drukkerij Van der Eems út ús eigen doarp Easterein ús haadsponsor, wêr SDS tige grutsk op is!



Doe’t yn 2016 it nije keunstgersfjild oanlein is en nij hekwurk, moasten de âlde reklamebuorden fernijd wurde i.f.m. in nij ophingsysteem, wat makke is troch T. Couperus (Easterein). Hjoed de dei hingje der 57 reklamebuorden rûn it fjild. Ek in foarm fan sponsoring binne “De freonen fan S.D.S.” it boerd mei de namme fan de minsken hinget yn de sportkantine, op it stuit binne der 98 freonen. Yn “De Treffer” stean 38 advertearders. Dan binne der ek noch wedstriidsponsors by de thúswedstriden fan SDS 1.

Hjirby tank oan alle sponsors: Tige Tige Tank!!

1947-2022 75 jier vv SDS
Op nei de 100 jier!


Groetnis Bauke Tj. de Boer

TOPSKOARDERS EN ÂLDSTE DOELPUNTENMAKKERS

Aant Hofstra probearet al jierren by te hâlden wa’t der foar de senioarenteams skore en hâldt dit by yn in topskoorderslist dy’t op de SDS-webside stiet en yn de Treffer. Mei help fan it archyf fan û.o. Friesch Dagblad, Leeuwarder Courant, Sneeker Courant, de plakboeken fan guon SDS’ers en Voetbalnoord.nl witte wy ek wa’t der yn de rin fan de jierren foar SDS 1 allegear skoord hawwe en hoe âld as sy doe wienen. Fan de seizoenen 1964 oant 1968 hoopje wij de doelpuntenmakers noch te finen yn âlde kranten. It soe wêze kinne dat der yn de top 10 dan noch wat feroaret. Op dit momint binne dit de 2 nijsgjirrige listjes:

De topskoarders fan SDS 1 (neffens Voetbalnoord):

- 1. Jappie Wijnia 218 kear
- 2. Hendrik de Jong 115 kear
- 3. Robert Sijbesma 93 kear
Klaas Okkema 93 kear
- 5. Jelmer Posthumus 65 kear
- 6. Dirk-Yde Sjaarda 62 kear
- 7. Floris Hiemstra 59 kear
- 8. Piet de Jong 51 kear
- 9. Douwe-Dirk Reitsma 45 kear
- 10. Wim Bakker 44 kear



De âldste doelpuntenmakers fan SDS 1:

- 1. Hendrik de Jong, 39 jier, 11 moanne en 357 dagen (4-6-2022 goal tsjin Heeg).
- 2. Feite de Haan, 39 jier, 7 moanne en 22 dagen (28-1-2017 goal tsjin Oudehaske).
- 3. Willem Wijnia, 38 jier, 8 moanne en 10 dagen (27-9-2014 goal tsjin Mulier).
- 4. Harm Stremler, 37 jier, 11 moanne en 20 dagen (15-9-2012 goal tsjin ONT).
- 5. Wichard Deinum, 37 jier en 27 dagen (23-4-2005 goal tsjin Kootstertille).
- 6. Douwe-Dirk Reitsma, 34 jier 11 moannen en 27 dagen (19-3-1994 goal tsjin Rijperkerk)
- 7. Jappie Wijnia, 34 jier, 5 moanne en 10 dagen (14-9-2002 goal tsjin Workum).





SDS-2, 3, 4 EN 5

SEIZOEN 2021-2022



SDS-2



Bouwbedrijf Bootsma b.v.
Thaborwei 4, 8632 WG Tirns Tel. 0515 - 569394
E-mail: info@bouwbedrijf-bootsma.nl / Website: www.bouwbedrijf-bootsma.nl

Boppe: Tjitse Postma, Stijn Schildkamp, Mark Klijnsma, Wesley van de Wint, Arjen Los, flagger Klaas de Haan, Jort Strikwerda, Bauke Dijkstra, Lieuwe Vriesema en Robin van der Weg.

Under: Lieder Rick Hendriks, Wessel Schraa, Tom Wijnia, Ewout de Boer, Niels Hazewindus, Jurjen Los, Kevin den Haan, Sietse Stoffelsma en Lourens van der Pol. Op de foto misse: Jesse van der Weide, Eeltsje Bootsma, Peter Stuiver, Sjoerd de Vries, Kent van der Schaar en stikjesskriuwer/ynterim-lieder Jan Los.

COLORS HOME
WOONVARIA

SDS-4



Boppe: Jeroen Wagenaar, Leon de Wit, Jeffrey van der Werf, Michael van der Weg, Wiltsje Aardema, Thomas van der Meer, Johannes Abma en Ronny Wagenaar.

Under: Klaas van der Weg, Aiso Agricola, Broer-Jacob Greidanus en Tjeerd de Vries.

Op de foto misse: Allert Turksma, Andries Lanting, Arjan Hallema, Bauke Fopma, Doede Sijszeling, Doede-Rients Okkema, Eeltje Postma, Gerben Gerbrandy, Gerrit Tessemaker, Gert-Jan Hessels, Halbe-Willem Overal, Ids de Boer, Janpiet van der Meer, Jelmer Brouwer, Johan Postma, Jorrit Veldman, Jorrit Engelsma, Michiel Zuidema, Pieter de Vries, Remon Bouma, Sytse Hibma, Tseard Verbeek en Wietse Vink.

SDS-3



Metz Style
Lapenhorst 11, 8632 WG Tirns Tel. 0515 - 569394
E-mail: info@metzstyle.nl / Website: www.metzstyle.nl

Boppe: Watze-Jacob van der Wal, Yward Zijlstra, Marten Faber, Jildert van der Werf, Anne Stenekes, Jacob-Klaas Haitsma, Hendrik Engbrenghof, Kees Adema en Willem Wijnia.

Under: Piter van der Pol, Tsjipke Okkema, Inne Heerma, Frank Bervoets, Bote Strikwerda, Niels Hazewindus en Kevin den Haan.

Op de foto misse: Habtamu de Hoop, Haije-Jan de Boer, Jelmer Posthumus, Mark Postma, Ralph Wariman, Sjoerd Rispens, Skelte Anema, Stefan van Krimpen en Steven Vellinga.

TECHNISCH METAALBEDRIJF
DE JONG B.V.
W O M M E L S

SDS-5



Boppe: Gert-Jan Hiemstra, Dirk-Yde Sjaarda, Kerst Hoekstra, Henk Postma, Dirk de Jong, Syb Overal, Jeroen Wagenaar en Auke Hiemstra.

Under: Harm-Auke Dijkstra, Harm Stremmer, Doede-Douwe Koopmans, Jan-Simon Jelsma, Ronny Wagenaar, flagger Daan Boersma, Robert Sijbesma, Klaas van der Weg en Peter Sijbesma.

Op de foto misse: Anco Elgersma, Feite de Haan, Ids Boersma, Jentsje Joritsma en Tjeerd Dijkstra.



SDS-SEAL EN VR2



Boppe: Sjoerd de Boer, Robin van der Weg, Tjitse Postma, Steven Vellinga en Mark Klijsma
Under: Pieter Sijsma, Pieter de Vries, Douwe-Jan Vellinga en Jacob-Jan Oostra.
Op de foto mist Frans Stap.



Boppe: Marrit Zeinstra, Ilse Tuinenga, Sietske Okkema en Anne Monfils.
Under: Anne-Berber Zeinstra, Nieke Wateler, Elma Breeuwsma, Lusanne Klaver en Jildou Sweering. Op de foto mist Anna-Brecht Bruinsma.

OER DE RÂNE FAN DE TIID

Easterein, freed 24 augustus 2007

Yn it earste part fan it bestean fan SDS wie Easterein de hofleverancier fan spilers fan it earste alvetal. Wommels wie doe mear in keatsdoarp. Mei it ferstriken fan de jierren feroare dat byld. Hjoed-deis levert Wommels de measte spilers en dat is sjoen it ynwennertal fan beide doarpen ek net sa frjemd. Op it sechtichjierrich jubileum wienen de ferhâldings sa'n bytsje gelyk. De jubileumkommisje fûn it wol in aardich idee om in wedstriid Easterein - Wommels yn it programma op te nimmen. It idee stutte yn earste ynstânsje by de wat âldere Eastereiners op ferset. Se hienen de gefjochten mei bollepysten tusken Wommelsers en Eastereiners yn harren jeugd noch op harren netflues. Gefjochten dy't healwei de twa doarpen plakfûnen en meastal oer fammen gie. Nei wat oerredingskrêft beslûten se om mei te gean yn it idee.

Coach Anne Brouwer en syn trije assistinten: Ate Vellinga, Daan Boersma en Piet de Jong koenen kieze út in brede seleksje fitte spilers. Yn Wommels waard der in soad publisiteit oan jûn en enerzjy yn stutsen om ynwenners safier te krijen massaal nei Easterein te gean. Ek it psychologyske spul wie op de wein. Under lieding fan Ate Feike de Boer fûn yn de Jimbar in parsekonferinsje plak, mei fragen dy't by coach Anne Brouwer 'Van Gaal-achtige' reaksjes útlakten.

Freedtemiddei 24 augustus. Ate Vellinga liedde de warming up op de Terp. Der omhinne sirkelden motors mei rûch útsjende bestjoerders. Dizze 'Hells Angels' waarden ynhierd om de spilers yn in grutte limousine te begelieden nei Easterein. Yn Easterein stienen de Wommelser majorettes klear om it lêste stikje foar de limousine út te rinnen.

Psychologysk stie Wommels al mei 1-0 foar.

Under it each fan sa'n 500 supporters kaam Wommels op foarsprong. It seach der lang nei út dat dat sa bliuwe soe. Oant flak foar tiid wie it noch 0-1 en der wie gjin oanlieding om blessuertiid by te tellen.

De Skrokster skiedsrjochter, Jelle de Boer, moat him liedde litten hawwe troch de klok fan it skoreboerd. Dy stie flak foar tiid al in skofke stil. Nei rom 90 minuten kaam Easterein op gelike hichte en wûn dernei troch it better nimmen fan strafskoppen.

Wêr de gedachte wie om hjir in jierlikse tradysje fan te meitsjen, is dit bleaun by in ienmalich barren. Ek omdat yn de jierren dernei ferhâldingsgewis stadichoan minder Eastereiners yn de A-seleksje sieten.

Meinte Wesselius





SDS JO19-1

SEIZOEN 2021-2022



Boppe: Tom Wijnia, Sije van der Schaar, Steijn Groothof, Jens Hiemstra, Tiemen Bergmans, Jelmer Dijkstra, Pieter Wijnia, Jente Schraa, Eeltsje Bootsma en lieder Johan Hiemstra.
Under: Niels Janssen, Luka van der Weg, Jelte Spoelstra, Wessel Wijnja, Tim Sweering, Tjerk Andringa en Thijs de Boer.





ST. SDS/NIJLAND JO17-1

SEIZOEN 2021-2022



Timen de Boer

JO17-1




Tobias Jellema

JO17-1




Wessel Zijlstra

JO17-1




Yke Gaastra

JO17-1



Jochum Postma

JO17-1




Niels Hiemstra

JO17-1



Redmer Wiersma

JO17-1



Sjirk Vellinga

JO17-1



Ate Schaap

JO17-1




Gjelt Kempe

JO17-1




Jildert Hiemstra

JO17-1




Jelmer Abels

JO17-1



Jelmer Brouwer

JO17-1



Bartele Bouma

JO17-1



Boppe: Bartele Bouma, Pieter van der Valk, Ate Schaap, Redmer Wiersma, Niels Hiemstra, Yke Gaastra, Gjelt Kempe en Jelmer Abels.
Under: Lieder Folkert-Rients Vellinga, Wessel Zijlstra, Timen de Boer, Jelmer Brouwer, Tobias Jellema, Sjirk Vellinga, Jochem Postma, Jildert Hiemstra en stiper Albert-Jan Kamstra.





SDS-75 JIER: TWA HICHTEPUNTEN

Sûnder initiativen komme je net foarút en ien fan dy nei-oarlochske ynisjativen yn Easterein wie it oprjochtsjen fan in fuotbalklup. De offisjele oprjochting fûn plak op 10 augustus 1947, mar foar dy tiid wie der al in stel Eastereiner jongkeardels besmet rekke troch it fuotbalfirus. De oarloch wie foarby; de grutte fuotbalwedstrijden, en dan foaral Nederlân – België kamen op de radio. Dy waarden op sneintemiddei holden en dan moast de preek mar fersomme wurde om nei Dick van Rijn, Bob Spaak of ir. Ad van Emmenes te harkjen. De fuotbal wie net te kearen. Net yn Easterein, mar ek net yn de doarpen om Easterein hinne.



Yn 1946 komme de mânlju dy 't fanôf 1947 VVO foarmje en letter SDS wurde op de foto, De jongfeinten fan it earste oere, binne: (steand l/r) mei de swarte slipover oer it boesgroentsje Pieter van der Valk, letter boer yn Warkum, dan folget Andries Vaartjes, masjinist op it bûterfabryk en al rillegau fuortgongen út Easterein. Dan de man dy 't bekind stie om syn geweldige koptechnyk de militêr Berend 'kick' Wybrandy. Dan folget Tjitse Hiemstra, emigrearre nei Kanada en as lêste op de rige Piet Hofstee, dy 't letter in leanbedriuw yn Waaksens hie. Op de ûnderste rige steane (l/r) Durk Hiemstra, letter molktaper yn Stiens, Klaas Engelsma, dy 't syn libben as skipsdokter op de grutte feart sliten hat, keeper Geert Engberts de ienige net-Eastereiner (wenne tidelik yn Itens en gong dêrnei nei Littens), de keeper dy 't kommys by de belestingen wie, de út Warkum ôfkomstige slachter Dirk ten Dam, oeral yn Easterein en omkriten bekind om syn fleurige karakter en streken Dan folget Pieter Hiemstra, dy 't jierren boer west hat op de pleats op nr. 27 oan de ein fan de Stittenserleane en yn it himd Hendrik Kuiper, doe noch boeresoan oan de Skippersbuorren 9. Se steane foar it grutste part yn it lettere swart-wit tenue op de foto.

It ploechje jongkeardels op de foto op dizze side teach op de fyts nei Itens, Hidaard, Gau, Nijlân, Seisbierum, Aldegea-W en neam mar op om dêr op fjilden fan ferskate gruttes mei goalpeallen fan panlatten inoar op freonskiplike basis, mar wol op it skerpst fan de snede te bestriden. Der moast tsjin in bal skopt wurde. It leafst op echte fuotbalskuon, mar as dat net slagge dan waarden der proppen ûnder wurkkistjes setten. Wommels kaam net mear yn it fuorbalwurdboek foar. Foar de oarloch hie it dêr de kop ek opstutsen. It kaam sels yn 1939 neffens in berjocht yn it Leeuwarder Courant ta in treffen tusken DOS Wommels en OVC Easterein.

Yn Wommels die lykwols in machtich keatsbestjoer alle war om foar te kommen dat der op it keatsfjild fuotballe waard. De terp waard wolris illegaal brûkt, mar levere mei al dy huzen der omhinne it gefaar fan kapotte ruten op.

Yn Fryslân wie lykwols it oprjochtsjen fan ferieningen net te kearen. Sa wie Nijlân der sûnt 1946, binne HJSC út Hommerts-Jutryp, DWP fan Sint-Jut en Dronryp ek yn 1947 oprjochte en Aldegea-W en AVC (Seisbierrum) yn 1948. Nei tal fan doarpen fytsten de Eastereiner jongkeardels om 'freonskiplik' tsjin te fuotbaljen. Dit barde dan op kampkes lân ferskate ôfmjittingen mei goals fan panlatten. Mar it gong wol op it skerpst fan de sneed. Al dy klups sieten mei itselde probleem: der moast in fuotbalfjild komme dat oan de maten fan de KNKB foldie. Dat diene de stikjes lân der 't yn Easterein op fuotballe waarden net. It kampe lân der 't de mannen op de foto steane mei de Van der Valk pleats op de eftergrûn koe lang net, mar ek it Dobbelaan (rjochts fan Stittenserleane op wei nei de Skoalseize) dat mei feesten en foar ledekeatsen brûkt waard wie net geskikt. Yn beide gefallen te lyts en greppels yn it lân.



Neist SDS 1 wie der yn 1955 in SDS 2. Op dizze foto steane net allinne de spilers, mar ek de leden fan de 'keuzekommissje'. Dit binne Hendrik Bijlsma (links), Jap Hofstra(rjochts) en Martinus Leeveerink (hielendal rjochts) Steande spilers: Marten de Boer, Hendrik van der Valk, Tjibbe Stelwagen, Hendrik Boersma en Enno Bruinsma. Sittend: Harm Miedema, Gerrit Jansen, Jan Jelsma, Wiebe de Boer, Krik de Bruin (13 jier!), Willem Leeman.

De jongkeardels dy 't nei de oarloch op 'e nij de 'stoute fuotbalskuon' oanloeken foarmje it earste hichtepunt yn it 75-jierich bestean fan SDS. Sûnder harren hie SDS net bestien. Neist dit hichtepunt ha der yn it 75-jierich bestean gelokkich mear hichtepunten west. In hichtepunt dat yn myn eagen te min omtinken krigen hat, wie de promoasje nei de earste klasse FVB! Dat wurdt yn dit artikel dan ek it twadde hichtepunt. Mar earst noch efkes werom nei it begjin.

De offisjele oprjochtingsdatum fan SDS wie 10 augustus 1947. Yn art. 1 fan de statuten stiet 'De vereniging draagt de naam van 'V.V.O.'. Zij is gevestigd te Oosterend (Henn.)' Fierder stiet yn de statuten yn art. 2 dat 'De



Vereniging is aangegaan voor de tijd van 29 jaar en elf maanden, te rekenen van de dag van de oprichting zijnde 10 Aug. 1947' Dat wie doe sa; der kaam in keninklik beslút oan te pas eart in feriening oprjochte wurde koe en soks mocht net foar ivich. Nei 29 jier en 11 moanne moast der wer in nij fersyk yntsjinne wurde. De jonge klup die alle war in sportterrein fan it goede formaat te krijen. Neffens it bestimmingsplan fan de gemeente koe it stik lân, dat úteinlik it sportfjild wurden is, foar in 'gymnastykterrein' yn oanmerking komme. Dit stik lân wie fan de tsjerke; it wie kosterijlân en út de pachtopbringst moast it lean fan de kosten betelle wurde. Boppedat soe it boerespultsje fan H. Huiper sr. in stik lân kwytreitsje. Mar lang op let: it kaam dochs safier. It stik lân op de foto hjirûnder waard fan greide sportfjild. As jonkje dat nêst it lân fan 'Hink Kúp' opgroeid is, ha ik de ûntwikkeling fan SDS en de omfoarming fan greide ta sportterrein allegearre mei eigen eagen sjoen (sjoch foar de foto foaryn dit boek). Dy feroaring fan greide yn sportfjild wie in hiel karwei. Yn earste ynstânsje moasten de greppels ticht. Modder hjirfoar kaam beskikber om 't der oan de westkant fan de greide in 'bak' foar maneezje groeven waard en yn dy 'bak' moast sân. It wurk barde troch de eigen leden dy 't oer hynder en wein beskikten en wa 't soks net hie moast grave. Doe 't de greppels ticht wiene, wie it gehiel noch net flak. De oplossing waard de wals fan de gemeente Hennaarderadeel. Nei 't dy der oerhinne gongen wie, wie it fjild in biljertlekken en nei 't letter bliken die: wetterticht! De Skoalseize koe iepene wurde. Soks barde troch boargemaster Van Hout en it wie feest: in iepeningswedstriid tsjin ONS, dy 't mei 1 – 6 ferlern waard, mar Yme Zijlstra rêde de ear en 'windhonderennen', hurddraven troch hazzewynhûnen efter in keunsthazze oan. Yn de begjinjierren wie it de gewoante dat trije spilers út it alvetal it fjild ynoarder meitsje, en nei de wedstriid opromje moasten: de linen waarden mei de wytqwast kalke, de netten ophongen, de kornenflaggen delset en de bal oppompt. It opromjen oan de ein fan de middei waard wolris 'fergetten'. Dan rûnen de skiep, dy 't foar hierynkomsten soargen, al wer op it fjild. Mei noch netten efter de goal rekke der gauris sa 'n bist yn betize. Dat skiep moast befrijd wurde en as je dan nêst it fjild wennen, foelen je altyd yn de prizen. Dit sil grif bydroegen ha ta myn SDS-gefoel!

Dat SDS-gefoel is natuerlik ek ûntstien om 't ik earst yn de junioaren b (jonges o/m 15 jier), dêrnei yn de junioaren a (jonges o/m 18 jier) en wer letter yn SDS 2 en 1 spile ha. En yn SDS 1 is it yn 1964 ta in nij hichtepunt kommen: de promoasje nei de earste klasse fan de 'afdeling Friesland van de KNKB'.



SDS 1 oan de ein fan seizoen 1963 - 1964 mei Harns op de eftergrûn: it lytse boskje blommen by Krik de Bruin yn de hân jout bliken fan it kampioenskip. Dit spilers binne steand (l/r) Jan Strikwerda út Winsum, letter master en skoalhaad yn Easterein, Gelf Eringa út Spannum, dêr 't er feekeapman wie, Jan Hiemstra ûnderwizer en leraar yn Breda, Frjentsjer en Snits, Durk Ypma (de iene helte fan de twaling der 't Fedde ek geregeld fan meispile), Siebren Feenstra.

Op hurken Marten de Boer, skoalmaster en skoalhaad yn Wommels, dûmny en foarsitter fan SDS, Hepke Hiemstra út Wommels, jierrenlang ûnderwizer te Grou, Geert Hiemstra, doe noch in mantsje en no noch altyd by SDS 1 op it fjild, Krik de Bruin, letter drogist yn Twizel, Gerrit Okkinga, ûnderwizer yn Berltsum, skoalhaad yn Arum en foaral bekind as topkeatser en Sjoerd Jongema dy 't sosiology studearre hat en lang yn Marsum wenne.

Yn 1951 waard foar it earst mei ien alvetal dielnommen oan de kompetysje yn de kelder fan de FVB: de tredde klasse. Dat wie twa jier letter noch sa, mar it heucht my dat ik as tsienjierrich jonkje yn 1953 om de poaten te brekken nei it fjild moast. Der soe in nije feriening út Harns (Zeerobben) op besite komme en dy stie hiel heech oanskreaun. Ek dizze ploech út de stêd moast ûnderoan begjinne. Foar dy Harnzers sil it ferklaaien yn de beamwâl om it fjild en yn it skoft it bakje tee fan Hendrik Bijlsma yn dyselde wâl grif in bysûndere ervaring west ha. Se seagen der mei harren griene shirts en wite broeken yn alle gefallen hiel wat lúkser út as de SDS-ers yn harren feale ferwasken swarte broekjes, in kombinaasje fan wite boesgroensjes, wite polo 's en wite shirts (dat alles as it mar wyt wie) en troch mem breide swart-wite blokke sokken restkes wol. Zeerobben waard kampioen en promovearre jier op jier. SDS bliuwde yn de kelder fan de kompetysje hingjen en moast foaral tsjin twadde of tredde alvetallen spylje. Utsûndering foarmen AVC I, Froonacker I en Oudega-W I. Mar it wiene foaral Bolswardia 2, ONS 3 en 4, Zeerobben 2, Blauw-Wit 3 en 4, Leeuwarder Zwaluwen 4 en 5 ensafuorthinne. Earst yn 1959 wie der kâns op promoasje. Tsjin Oudega-W (de Wassenaars en de Verbeken) moast in beslissingswedstiid op it sportpark oan de Leeuwarderweg yn Snits spile wurde. Sa-

	wed.	pnt	foar	tsjin
1 Oeverzwaluwen	18	25	58	22
2 Nijland	18	25	52	19
3 Balk	18	25	50	22
4 Delfstrahuizen	18	20	31	30
5 DWP	17	19	42	38
6 DOG	18	19	45	55
7 Sleat	18	18	38	33
8 Oudega	18	15	30	34
9 SDS	17	8	25	57
10 Woudsend	18	4	19	80

wat hiel Aldegea-W en Easterein, mei sels boargemaster Alta derby, wiene útrûn. It waard in lyk spul, mar yn de werhelling in wike letter wûn SDS. Ta promoasje nei de twadde klasse kaam it net, want de promoasjewedstriid waard ferlern. Ien of twa jier letter kaam it dochs safier, mar ek doe moast der noch foar it grutste part tsjin reserve-alvetallen spile wurde. Yn dy tiid ha ik myn grutste djiptepunt by SDS meimakke. Wy sieten by in ONS-ploech yn de kompetysje en spilen tsjin sawat allegearre grize koppen. Dy mannen lieten ús alle hoeken fan it fjild sjen. Hoe 'dik' as wy ferlern ha wit ik net mear, mar sy sieten yn de buert fan de 10 en wy sille net fier boppe de 0 goals

sitten ha. Yn 1964 waard de grutte slach einliks slein. Wy hiene ûndertusken in echte trener, Tjitte Kootje, dy 't ien jûn yn de wike op syn brommerke út Snits kaam. Kootje wie âld-spiler fan Snits. It sil grif oan de trener en it trenen lein ha, want yn de foarsimmer fan 1964 waarden wy yn in wedstriid tsjin Zeerobben 3 op it Balkland yn Harns kampioen mei it alvetal dat hjir op de foto stiet. It waard in automatyske promoasje. Yn it seizoen 1964 – 1965 waar der foar it earst yn it bestean fan SDS yn de earste klasse FVB yn in kompetysje mei allinne standardâlvetallen. Oan de ein fan it seizoen seach de ranglist der as folget út. Mei de eagen fan no wie it in lytse kompetysje mar mei de fjilden fan doe wie it in hiele toer in kompetysje ôf te wurkjen. Tusken DWP en SDS waard sels fanwege it minne fjild ien fan de wedstriden net spile. Hie soks gjin ynfloed op promoasje of degradaasje dan waard sa 'n wedstiid letter net mear ynhelle.

Sels ha ik dit as spiler noch krekt meimakke. Ik moast yn tsjinst en koe de earste helte fan it seizoen meidwaan, mar doe 't ik yn Middelburg bedarre en ferkearing yn Goes krige, kaam ik net mear alle sneonen yn Easterein. As ik thúskaam dan wie der by SDS 2 altyd wol ien te min en kaam it moai út. In pear jier letter siet SDS sels yn de fjirde klasse KNVB. Telefoan hiene wy noch net en dêrom kocht ik, wy wennen yn Breda, alle moandei-temoannen De Telegraaf om de fuotbalútslaggen nei te sneupen en benammen it resultaat fan SDS op te sykjen. Nei de promoasje nei de earste klasse FVB as twadde grutte sukses binne der letter noch hiel wat hichtepunten bykommen. As it heal koe woe ik der dan bywêze.


Sadra ik by heit en mem op 't Heechhiem 7 kaam, wie myn earste kuijerke rjochting sportterrein. Easterein en SDS hiene en ha noch altyd in waarm plakje yn myn hert en wat SDS oanbelanget op nei de 100.

Jan Hiemstra



Sikke van Kappeyne

JO15-1



Sven Hoekstra

JO15-1



Tim van Hiel

JO15-1



Tsjalling Bouma

JO15-1



Xavi van Geerenstein

JO15-1



Jorrit Stap

JO15-1



Luuk Meijer

JO15-1



Pieter Bouma

JO15-1




Rients Klein Swormink

JO15-1



Sander Zijlstra

JO15-1



Sietze Bouma

JO15-1




Geert-Jan Diever

JO15-1



Jelle-Tiede Vellinga

JO15-1



Jelmer de Boer

JO15-1




Jorn Hiemstra

JO15-1



Boppe: Luuk Meijer, Pieter Bouma, Jelle Tiede Vellinga, Sietze Bouma, Tim van Hiel, Sikke van Kappeyne, Jorrit Stap en Sander Velzen.
Under: Xavi van Geerenstein, Jelmer de Boer, Sven Hoekstra, Jorn Hiemstra, Rients Klein Swormink, Geert-Jan Diever en Tsjalling Bouma.





SDS JO15-2

SEIZOEN 2021-2022




Mohammed Baghdadi

JO15-2



Mohammad Dahir

JO15-2



Nouri Ali

JO15-2




Ridzert Veldman

JO15-2



Sjoerd Andringa

JO15-2



Ibraahim Dahir

JO15-2



Jarno van der Weij

JO15-2



Jochem Scholts

JO15-2



Johan Gaastra

JO15-2



Marijn de Groot

JO15-2



Mohammed Ali

JO15-2



Auck Dijkstra

JO15-2



Hessel Abels

JO15-2



Boppe: Jarno van der Weij, trainer-coach Theo de Jong, Johan Gaastra, Jochem Scholts, Auck Dijkstra, Ridzert Veldman en Mohammed Dahir.
Under: Marijn de Groot, Sjoerd Andringa, Ibraahim Dahir, Mohammad Ali, Mohammed Baghdadi, Hessel Abels en Nouri Ali.





ANNO 1980



Steand: Siepie Visser, Wouter Hylkema, Hielke de Vries (lieder), Roel Sybesma, Gerard Bijl, Klaas Overal, Ynze Jorritsma, Roel de Wit (trainer), Ids Boersma en Klaas Okkema. Sittend: Rintsje Zijlstra, Jan van Asselt, Piet de Jong, Roelof Joustra, Jelle de Boer, Lolke Okkema en Hindrik Okkema.

EINDSTAND 4E KLASSE B SEIZOEN 1979 - 1980						
	wed.	gew.	gelijk	verl.	pnt.	doelsaldo
SDS	22	11	8	3	30	39-22
CVVO	22	13	3	6	29	39-26
CSL	22	11	6	5	28	42-23
DELFTSTRAHUZEN	22	9	6	7	24	21-15
QVC	22	10	4	8	24	32-31
HEEG	22	9	4	9	22	26-27
BROEKSTER BOYS	22	8	5	9	21	33-33
ZEEROBEN	22	7	7	8	21	29-34
HARDEGARIP	22	7	6	9	20	25-35
MAKKUM	22	4	9	9	17	15-20
HJSC	22	4	6	12	14	18-34
LEEUWARDEN	22	5	4	13	14	26-45

waard hy trainer fan SDS 1 en yn dy twa seizoenen binne se twa kear kampioen wurden. Der kamen inkele jonge spilers út de junioaren wêr't SDS jierrenlang in prottte wille oan belibbe hat. Hindrik Okkema ferfong Pier Zijlstra as lêste man en soe jierrenlang tegearre mei Jan van Asselt it betrouwber ferdigenings-sintrum foarmje. Hindrik: "Ik ha njoggen jier yn't earste sitten, geweldige tiid, ek dat sitten nei de wedstryd." Wouter Hylkema, like âld, wie in jier earder út de A's kommen en soe útgroeie ta ien fan de driuwende krêften op it middenfjild. Hy hie faaks wol hegerop kinnen. Wouter : "Troch de grutte ienichheid, bin ik nea nei in oare klub gien. It wie in schitterjende tiid, ek yn it fjild "

It like der net op dat wy kampioen wurde soene. Der waard in protte lykspile en it bleau oan it ein ta spannend. Lokkich ferlearen wy ek net folle wedstriden, mar trije . Wy hiene 1 punt foarsprong op CVVO út de Lemmer. Hie de puntentelling west sa as no, trije foar winst, dan hiene de Lemsters feest hân. De efterhoede stie faak goed. Bysûnder wie wol dat dat jier de gearstalling eltse wike oars wie: fiif ferdigeners spilen om beurten. Op it middenfjild rûn aardich wat talint. De measte minsken hiene in hekel oan de man mei de reade bûsdoek en in lytse fjoerfretter der njonken. Doch dêr de faasje fan de foarhoede en de kopkrêft fan Roelof Joustra by, dan prate je oer in aardich alvetal. Spitigernôch moasten wy de hurdste dravers in diel fan it seizoen misse omdat se yn tsjinst sieten. (Henk Walda en Wim Bakker) De sfear yn dat jier wie geweldig. De neisit yn kafé Bergsma wie bisûnder: As Ynze mei de grutte fûsten op tafel sloech galme it troch de kroech: zigge zagge

zigge.. en hie it meubilair it dreech. We waarden yn de allerlêste wedstriid yn Delfstrahuzen kampioen mei 1 punt foarsprong op CVVO. Wouter Hylkema makke de 0-1, mar Klaas Overal makke gelyk, hy tocht dat Ynze de bal wol keare soe. Siepie Visser makke de 1-2 en hâlden we it punt foarsprong en wiene kampioen. Yn Easterein koe it feest begjinne: op de wein mei pakken strie troch it doarp. Letter op in jûn yn de bop-peseal fan kafee Bergsma de huldiging troch de KNVB en in speech fan de boargemaster. We ha der op ús reuny fan 7 maaaie 2022 mei nocht op werom sjoen.



Steand: Wim Bakker, Wouter Hylkema, Gerard Bijl, Klaas Overal, Roelof Joustra, Ynze Jorritsma, Ids Boersma en Klaas Okkema. Sittend: Rintsje Zijlstra, Jan van Asselt, Piet de Jong, Jelle de Boer, Henk Walda, Lolke Okkema en Hindrik Okkema. Rjochts neist de foto: Roel de Wit (boppe) en Hielke de Vries (ûnder).



Jelle de Boer (69) Jelle wennet yn Wommels. Hy is no út it wurk. Wurke earder foar Natuur-monumenten. **Lolke Okkema (65)** Lolke wennet yn Boalsert en wurket yn Frjentsjer foar Empatec as wurktarieder yn it meubelfabryk. **Ids Boersma (63)** Ids wennet noch altyd yn Wommels. Nei in reorganisaasje is er no taksy-sjauffeur. **Klaas Okkema (65)** Klaas wennet yn Boalsert. Ferline jier oktober is er mei pensjoen gongen. Dêrfoar hat er jierren wurke as glêsetter. **Wim Bakker (63)** Doe't Wim goed 30 jier lyn ferhuze, gie er nei Skylge er dêr wennet er noch. Hy wurket dêr as koördinator fan alle jongereinwurk. **Henk Walda (64)** Henk wennet al jierren yn Wjelsryp en wurket by ESN Betonservice Ned. **Piet de Jong (69)** Piet hat altyd yn de psychiatry wurke en is no mei pensjoen Hy wennet al jierren yn Wommels. **Gerard Bijl (60)** Wennet yn Lemmer en wurket 32 oeren by de plysje. **Rintsje Zijlstra (64)** Wie grinsrjochter en is no mei prepensjoen. Wennet al tiden yn Havelte en hat yn de reklame-wrâld wurke. **Jan van Asselt (70)** Wennet yn Wommels en is pensjonearre ûnderwizer. **Ynze Jorritsma (72)** Ynze wennet yn Itens. Wie mitseler mar troch rêchproblemen al 25 jier út it wurk. **Klaas Overal (71)** Klaas is berne yn Easterein en wennet der noch altyd. Hat yn de suvel wurke en is no njoggen jier mei pensjoen. **Wouter Hylkema (61)** Wouter is ek noch altyd in Easter-einder. Hy wurket as grafysk meiwurker by drukkerij Van der Eems. **Roelof Joustra (65)** Roelof wennet yn Winsum. Wurke op in masinefabryk en waard letter masinist by de NS. Hat al jierren de erflike spiersykte "De ziekte fan Steinder" en is dêrtroch tige ôfhinklik fan oaren en syn scootmobyl. **Hindrik Okkema (61)** Hindrik is hikke en tein yn Easterein en wennet dêr noch altyd. Tegearre mei z'n broer Tsjerk runt hy it leanbedriuw Okkema. **Hielke de Vries (71)** Hielke kaam yn 1975 fanút De Gerdyk nei Wommels. Hy wennet no yn Menaem en hat hast 40 jier by in enerzjybedriuw wurke. **Roel de Wit (70)** Roel de Wit waard haadtrainer fan SDS yn 1979 en hat fjouwer jier yn Easterein de lieding hân. Syn wurk hie er oan de OSG Piter Jelles. Hy wie dêr de finansjeel-economysk direkteur. Op dit stuit docht er foar partikulieren noch wat ûndersteunende jildsaken. **Roel Sijbesma (71)** Roel wennet yn Easterein en hat altyd yn 'e bou wurke. **Siepie Visser.** Siepie wenne yn Wommels. Hy wie in echte spits dy't in protte goals foar SDS makke hat. Siepie ferstoar yn 2017.

Jelle de Boer, Wouter Hijlkema en Jan van Asselt



Wieger Mous

JO13-1




Wytze Johannes Breeuwsma

JO13-1




Martijn Kil

JO13-1




Niek de Haan

JO13-1




Romke Boonstra

JO13-1




Sander Vriesema

JO13-1




Sjoerd Breeuwsma

JO13-1



Sven de Haan

JO13-1



Evan de Jong

JO13-1




Jarn Dusselaar

JO13-1




Jurre Spijkstra

JO13-1



Lars Steehouwer

JO13-1



Lucas van der Meer

JO13-1



Boppe: Sven de Haan, Lars Steehouwer, Romke Boonstra, Wytze Breeuwsma, Jarn Dusselaar, Sander Vriesema, Martijn Kil en Wieger Mous.
Under: Niek de Haan, Lucas van der Meer, Jurre Spijkstra, Evan de Jong en Sjoerd Breeuwsma.





SDS JO12-1

SEIZOEN 2021-2022



Thymen Santema

JO12-1



Yorick Visser

JO12-1




Zenn Hoitinga

JO12-1



Dinand Akkerman

JO12-1



Hille van der Valk

JO12-1



Julian Jellema

JO12-1



Lars Akkerman

JO12-1



Omar Baghdadi

JO12-1



Rudmer Jesse Joustra

JO12-1



Asrom Tesfamichael

JO12-1



Bauke Jan Dijkstra

JO12-1



Naam Achternaam



Boppe: Bauke Jan Dijkstra, Omar Baghdadi, Hille van der Valk, Dinand Akkerman, Zenn Hoitinga, Julian Jellema en Ieder Wesley Hoitinga
Under: Asrom Tesfamichael, Yorick Visser, Rudmer Jesse Joustra, Lars Akkerman en Thymen Santema.



SDS LEDEN

Ús jongste lid

Namme:	Dianthe Engbrenghof
Hoe âld bisto?	6 jier
Hoe lang fuotballesto al bij SDS?	Echt hiel lang, fierste lang (1 jier)
Wisto noch hoe asto bij SDS begong bist?	Ja, dat wie yn it nep gers. Doe krige ik in bal tsjin de hân en it wie hiel kâld. Doe woe ik stopje.
Wat is dyn moaiste erfaring bij SDS?	Fuotbalje op it echte gers as keeper mar goals meitsje is ek leuk
Wat fynst it moaist oan SDS?	De limonade yn 'e rêst by de wedstriid en trainer Tjerk
Wat soe SDS in noch moaiere klup meitsje?	100 springkessens om it fjild
Hoe sjocht SDS er volgens dy oer 25 jier út? (en wer spilesto dan?)	Dat wit ik net; ik tink itselde
Dianthe yn har moaie reade shirt: 'Dizze is het moaist!'	

Ús middelste lid:

Namme:	Jesse van der Weide
Hoe âld bisto?	28 jier
Hoe lang fuotballesto al bij SDS?	Ik tink fanôf myn 10e jier.
Wisto noch hoe asto bij SDS begong bist?	By it legendaryske SDS E3!
Wat is dyn moaiste erfaring bij SDS?	Op de platte kar troch it doarp nei it kampioenskip mei SDS 2 yn 2017.
Wat fynst it moaist oan SDS?	Sa gau as de bal rôljet is elkenien gelyk!
Wat soe SDS in noch moaiere club meitsje?	Ik soe it net witte, mar moai sa troch gean.
Hoe sjocht SDS er volgens dy oer 25 jier út? (en wer spilesto dan?)	Wierskynlik noch krekt itselde as no, en ik sil wol be- darje yn in ien of oar 'walking fuotbal' 50+ team.
De jongere Jesse:	

Ús aldste lid

Namme:	Ids Boersma
Hoe âld bisto?	62 jier
Hoe lang fuotballesto al bij SDS?	52 jier.
Wisto noch hoe asto bij SDS begong bist?	Fanôf legere skoalle Hidaard fia skoalmaster Freark Smink dy't ek by SDS fuotballe.
Wat is dyn moaiste erfaring bij SDS?	De behelle kampioenskippen sawol op it fjild (trije kear) as yn 'e seal (ien kear) wiene moaie hichtepunten.
Wat fynst it moaist oan SDS?	De gemoedlike sfear binnen de klup, de ynset fan alle frijwilligers en ek de prima fasiliteiten dy't SDS de fuo- tballers te bieden hat.
Wat soe SDS in noch moaiere club meitsje?	Soe it sa net witte. Ik tink dat SDS al een moaie en uni- ke feriening is mei alle frijwilligers en de trouwe sup- porters. Elts hat wol bining mei de klup.
Hoe sjocht SDS er volgens dy oer 25 jier út? (en wer spilesto dan?)	Ik hoop noch krekt as no op in moaie "regio" fuotbal- klup mei jeugd en senioareteams presterend op in sa heech mooglik nivo.
Oer 25 jier ? Miskien dat ik dan noch bij SDS oan 'walking fuotbal' mei dwaen kin.....	

Yn it seizoen 2021-2022 komme ús fuotbaljende leden út:
Boalsert, Britswert, Burchwert, Dedzjum, Easterbierrum, Easterein, Easterlittens, Ferwert, Folsgeare, Frjentsjer, Grins, Hartwert, Hearrenfean, Hidaard, Hinnaard, lens, Itens, Kûbaard, Ljouwert, Lollum, Mantgum, Nijlân, Peins, Reahûs, Rien, Snits, Turns, Waaksens, Winsum, Workum, Wurdum, Wommels en Zaandam

Op 1 july 2022 hat SDS 341 fuotbaljende leden.
Dit binne 36 froulju en 305 manlju.

Mei de Freonen fan SDS, net fuotbaljende leden en oars hat SDS 543 leden.

Harmke van der Werf




SDS JO11-1

SEIZOEN 2021-2022



Marc Hoekstra

JO11-1




Pytrik Ynema

JO11-1




Steffen Schram

JO11-1




Storm Tak

JO11-1




Sybrecht Overal

JO11-1




Ahmed Dahir

JO11-1



Amarins Bouma

JO11-1



Anish Chhetri

JO11-1




Evy Wijnia

JO11-1



Jildau Jellema

JO11-1



Jens Veenstra

JO11-1



Anish Chhetri, Amarins Bouma, Storm Tak, Pytrik Ynema, Jildau Jellema, Evy Wijnia, Ahmed Dahir, Joad Schram (leider), Steffen Schram en Marc Hoekstra. Op de foto misse Sybrecht Overal en Jens Veenstra











SEIZOEN
2021-2022

SDS JO10-1

SDS JO9-1

SEIZOEN
2021-2022



Boppe: Frans Pyter Terpstra, Brent Overal, Auke Andries Veenstra,
Jens Steehouwer, Jinse Durk de Jong, Ronny Wagenaar.
Under: Melle Terpstra, Finn Wagenaar, Tymen Stenekes, Martijn Smit
Op de foto misse Tymen Bults en Tymen Dijkstra

Hidde Wijnia, Jelke Sijbesma, Redmer Politiek, Renko Ynema, Ben Fritsma en
Ids van Wijngaarden. Op de foto misse Jort Kronemeijer en Armin Stenekes.



IT SEALFUOTBAL BY SDS

Yn 2004 wûn SDS 1 seal de Midwintercup yn it FEC yn Ljouwert. It grutste sealsúkses yn de histoarje fan SDS. Foar sommigen like it of kaam dit sukses út de loft fallen al gie hjir in hiele skiednis oan foarôf. Wy dûke yn de sealhistoarje fan SDS om te sjen hoe 't SDS ta dit sukses kaam en wat dit betsjutten hat foar it fjild-fuotbaljen.

Yn de jierren 80 en 90 waard sealfuotbaljen hieltiten populêrder yn Fryslân. Yn de jierren 80 waarden yn Harns by it sealkrysttoernoai sels Ajacieden útnûge om mei te dwaan. Betelle fuotbalklups dienen winters mei oan in sealkompetysje mei alle Eredivisieklups. Sûnt de jierren 70 stie yn Easterein in sporthal wêrmei by SDS ek it sealfuotbal ûntstie. Yn de jierren 80 spile SDS mei yn de KNVB-kompetysje. Op snein waarden der yn de sporthal geregeld iepen sealtoernoaien organisearre wêr't neist SDS'ers ek fuotballers fan klups lykas Waterpoort Boys, ONS, vv Makkum en vv Oosterlittens meidienen. Sy spilen foar teams as Kafee Bergsma, Sporthal De Greidhoeke, Alfred Knorr, Kafee Baard, Kafee It Swaantsje ensfh. It nivo waard yn de rin fan de jierren hieltiten heger. Der dienen âldere spilers mei en jonge SDS'ers dy 't krekt by de senioaren fan SDS sieten. By de oare teams dienen topfuotballers mei lykas de ONS'ers Arjen Hoekstra, Marcel Priem, Sandor van der Heide(eks-Cambuur), Rudy Mann (eks-Cambuur), Paul Buma(WPB 1) en Andries Smink(Makkum). De sealteams fregen op sneon de bêste fuotballers om op snein mei te baljen. Yn 1999 besletten fuotballers fan Kafe Bergsma en Sporthal De Greidhoeke om de KNVB-kompetysje yn te gean mei Durk Okkema, Gert-Jan Hiemstra, Feite de Haan, Peter Sijbesma, Robert Sijbesma, Jan-Simon Jelsma, Harm Stremmler, Willem Wijnia en Anne Stenekes mei as lieder Willem Overal. Eltse woansdei sealbalje neist tiisdeis en tongersdeis traine by SDS 1, sneons fuotbalje by SDS 1 of 2 en sneins geregeld yn Sporthal De Greidhoeke in sealtoernoaitsje. De trainer fan SDS 1 wie der net altiten like wiis mei, mar sy seagen dat it de fuotbalkwaliteiten fan guon fuotballers te goede kaam, al wie der wolris in blessuere.



SDS 1 seal kampioen 1999-2000:

Boppe: Anne Stenekes, Peter Sijbesma, Feite de Haan, Jan-Simon Jelsma, Willem Wijnia en Robert Sijbesma.

Under: Durk Okkema, Harm Stremmler, lieder Willem Overal en Gert-Jan Hiemstra.

De skiedsrjochters seagen it hege nivo yn Easterein en opperen om ris mei in ploegje fuotballers mei te dwaan oan it ferneamde Krystsealtoernoai yn Frjentsjer. Doe 't SDS dit de earste kear yn 1999 lyk wûn gie it baltsje mear en mear rôljen. Dat levere yn 2000 it kampioenskip op yn de 4e-Klasse en dêrneist waard it Krystsealtoernoai yn Frjentsjer op'e nij wûn. It kampioenskip yn de 3e-Klasse folge in jier letter. Alderaardichst, mar om écht mei te dwaan mei de grutte mannen moasten je ris hege eagen smite op de jierlikse Midwintercup yn it FEC yn Ljouwert. In sealtoernoai wat spile waard op de asfaltflier, wêr't wyks derfoar de kij noch stienen foar de feemerk, wêr't yn de hal hamburgers bakt waarden, wêr't smookt wurde en it publyk rêstich mei in fleske bier troch de hal rûn om hjir en dêr in wedstriidsje te sjen. Wêr 't de bal wolris in wâld krige as de stân hjir om frege en de bal dan ophelle wurde moast fan de oare kant fan de feemerkhâl wêr 't fiif sealbalwedstriden tagelyk spile wurden. Der bedarre sels wolris in bal yn in bernewein of op de hambur-

gerbakplaat.

SDS die al jierren mei, mar wie oant 2000, mar ien of twa kear de poele trochkaam en dat wie al 10 as 15 jier werom. Meidat SDS no in sealteam hie koe SDS neist in fjildteam ek dit sealteam ynskriuwe. It sealteam fan SDS gie yn 2000 as in speer op de Midwintercup en eindige as earste yn de poele, mar moast dernei fjouwer oeren wachtsje en mocht yn de finaleronde tsjin haadklasser Workum. De hiele wedstriid stie SDS foar, mar nei de 1-1 yn de lêste minút ferlear SDS nei penaltys. Dat wie in dikke tsjinfaller.

Yn 2001 promoveart SDS nei de 2e-Klasse, mar op de Midwintercup slagget it lykas yn 2002 en 2003 net om foar de prizen te spyljen. Gert-Jan Hiemstra is dan al ôfheake y.f.m. in blessuere en Durk



Okkema kampt mei in knibbelblessuere. Yn 2004 komt SDS de poele wer troch en mei it nei de finaleronde. Dit foar de 3e kear yn fjouwer jier, mar it gefoel oerhearsket dat it wol wer net folle wurde sil. Sneon 17 jannewaris foar de 17e Midwintercup sitte Jan-Simon, Feite, Robert, Harm, Peter, Willem en Tsjipke mei Willem Overal en Durk Okkema as coaches yn de taksy. Anne Stenekes is blessearre en kin net mei. Op it lêste momint is Tsjipke Okkema derby helle. Op wei nei it FEC freget Tsjipke yn de taksy as wy gelyk werom nei hûs gean as SDS derút leit. Hjir doart net ien antwurd op te jaan. SDS begjint goed troch Zwaagwesteinde mei 3-0 te ferslaan. Dêrnei wurdt der wer lotte. SDS moat tsjin Heerenveen wat op dat momint ien fan de beste sealteams fan Fryslân hat. Net ûngeunstich is dat de manlju fan Heerenveen yn de auto nei Omrop Fryslân op de radio sitte te lústerjen nei de lotting en dêrtroch halsoerkop de hal ynkomme en te let oan de ôftraap ferskine. Sy ûnderskatte SDS en foar sy goed en wol wekker binne stiet SDS al mei 1-0 foar en wint SDS sels mei 2-1. De dei kin no al net mear stikken en der wurdt hope op in geunstich lot foar de heale finale. Dat sit der op 'e nij net yn, want SDS mei tsjin de winner fan 2003, Avanti út Stiens. SDS komt op foarsprong troch in enorme pegel fan Feite. Avanti komt al mei 2-1 foar, mar op it lêst mei Feite út in penalty de 2-2 meitsje en mei de wedstriid beslist wurde mei penaltys. Nei acht strafskoppen is SDS winner as Jan-Simon in penalty keard en net ien fan SDS mist. SDS mei harren opmeitsje foar de finale tsjin Comme Ci Comme Ca dy't yn de heale finale wûn hat fan Mulier. Wilens reitsje de bussen hierlak al hast op. De flier is nammintlik glêd yn it FEC en de skuon wurde foar de wedstriden ynspuite mei hierlak om wat mear grip te krijen. De finale is twa kear 10 minuten. Yn de rin fan de dei komme der hieltiten mear SDS'ers nei it FEC dy't op Omrop Fryslân heare dat SDS hieltiten fierder komt en mei de finale stiet it rûnom it fjild fol mei SDS-supporters. SDS komt yn de earste helte efter mei 1-0 en nei de 2-0 liket de wedstriid dien. Dochs jout SDS net op en as skiedsrjochter Kraak fluitet foar in penalty foar SDS en Feite de 2-1 makket giet it SDS-publyk der manmachtich efterstean. As Tsjipke efkes letter mei in fan rjochting feroare skot ek noch de 2-2 makket rûkt SDS de winst, mar de tiid is om en der meie op 'e nij penaltys nommen wurde. Jan-Simon pakt twa penaltys en SDS makket op'e nij alles en it dak giet der ôf. Fan de 144 manljusteams pakt SDS de beker. Yn datselde jier wurdt SDS seal ek kampioen yn de 2e-Klasse, op it fjild wurdt SDS 1 kampioen fan de 3e Klasse en SDS 2 fan de Reserve 2e-Klasse. SDS 1 seal promovearet yn 2006 nei de Haadklasse. It twadde team fan SDS seal timmert dan ek aardich oan de dyk. In team mei Pieter Kamstra, Tsjeard Breeuwsma, Marten Faber, Tsjeard Halbersma, Skelte Anema, Sjoerd Rispens, Dirk-Yde Sjaarda en Samme Overal mei lieder Gerard van Asselt wurdt jier op jier kampioen en is fan doel SDS 1 foarby te gean. Sy promovearje yn 2007 nei de Haadklasse, mar troch blessures, wurk en neam it mar op gean SDS 1 en 2 mei-inoar. Der wurde noch wolris sukseskes behelle op it OFK yn Frjentsjer (opfolger fan de Midwintercup), mar it slagget hieltiten minder om genôch spilers te krijen en yn 2011 is it dien. Sûnt in pear jier binne de sealtoernoaien op snein der ek net mear, fuotballet de jeugd net mear yn de seal en slagget it by SDS sels net om ien kear per jier in sealtoernoai te organisearen mei genôch dielnimmers.

Efterôf mei dúdlik wêze dat it sealfuotbal it fjildfuotbal by SDS te goede kaam is. By vv Workum kinne je tsjintwurdich goed sjen dat it sealfuotbal fertúten docht. Workum 1 is kampioen wurden fan de 3e-Klasse en de heechste jeugdteams spylje heger as dy fan SDS. Workum hat 6 sealteams en de jeugd stiet te springen om yn de seal te baljen. Hooplik slagget it by SDS mei de nije jonge hûnen yn SDS 1 seal en in nij SDS 2 seal ek om wer mear lju entûsjast te krijen foar dit prachtige spultsje. De jeugd sil fan't winter de seal ek wer yn, dus it begjin is der.

Willem Wijnia



SEIZOEN
2021-2022

SDS JO9-2

SEIZOEN
2021-2022



Jasper Bauke Huijtema

JO9-2



Marèn Brouwer

JO9-2



Romke Kuiken

JO9-2



Sven Hallema

JO9-2




Tiede-Rinse Posthumus

JO9-2



Bouke Dorenbos

JO9-2



Catoo Feenstra

JO9-2



Dorian Tacoma

JO9-2



Boppe: Dorian Tacoma, Marèn Brouwer,
Bouke Dorenbos en Catoo Feenstra.
Under: Jasper Bauke Huijtema, Romke
Sjoerd Kuiken en Tiede-Rinse Posthumus.

FAN TJERK

Als voetballer van vv Heeg speelden wij in de jeugd regelmatig tegen SDS. Bij de thuiswedstrijden stond vaak een echte SDS-supporter, Anne, die ooit in Heeg terechtgekomen was, langs de lijn. Die pochte over hoe goed die teams uit Easterein wel niet waren. Voor ons olie op het vuur om hem te laten zien dat wij er ook wel wat van konden. Ik moest daar meteen aan denken toen we als gezin, na wat omzwervingen neerstreken in Wommels en aanlandden bij de zwart witten op het fantastische sportpark de Skoalleseize. Want alle drie jongens wilden op voetbal. Piter als eerste, later Lourens en Steven. Vanaf dat moment ben ik ook als leider gestart, ik was er toch zaterdags, dus kon ik ook wel wat doen. Met zijn allen ervoor! Als voetbalvader ben ik best trots dat twee van de drie boys, nu in het 'eerste' spelen. Dat is nooit een doel op zich en het is ook niet zo dat ik daar met mijn voetbalkennis als coach aan bij gedragen heb, die credits gaan naar anderen, maar het is mooi om mee te maken.

De heiten en memmen die elke zaterdagochtend aanwezig zijn bij de minileague, waarin de jongste voetbal-toppers deelnemen, staan nog helemaal voor aan de loopbaan van hun kids bij de club. Voor sommigen is het de eerste kennismaking, anderen zijn al wat vertrouwder, omdat andere zonen of dochters lid zijn. Maar hoe weet je nu hoe het allemaal werkt bij zo'n club als je er voor het eerst komt? Voor je het weet loop je met een tas vol vieze shirts het park weer af... Of word je opeens ingedeeld als begeleider van een minileague team, omdat we dat nu eenmaal gewoon zo doen hier. Dat koppelen van een ouder aan een minileague team werkt goed. Soms belt iemand me van te voren om te vragen wat er verwacht wordt, want: 'ik ha gjin doel oer it spultje hjer!' Geeft niet, je hoeft alleen maar kids te troosten als ze huilen, want het kan nog wel eens fysiek worden dat voetbal. Ook zorg je ervoor dat iedereen op het juiste veldje staat als we van veld wisselen. Dat lijkt makkelijker dan het is namelijk.

Toch ligt daar een mogelijkheid om het bestand aan vrijwilligers op peil te houden. Meteen vanaf het begin ouders betrekken, zorgen dat ze zich thuis voelen, waardoor het oppakken van een taak makkelijk volgt. Bij ons kan dat, we zijn een grote club, maar niet zo groot dat je elkaar niet kent. Op moment dat maar liefst drie teams doorstroomden naar de O8 bijvoorbeeld, was er geen probleem om leiders te regelen. Zo werkt dat dus, vertrouwd maken.



En wat is het leuk! Leuk om op zaterdag in de bestuurskamer te komen, waar altijd de koffie klaar staat, met cake. Die cake wordt verzorgd door de mannen die ook alles piekfijn voor elkaar maken op het park. Die cake staat zo symbool voor het vele werk wat achter de schermen gedaan wordt.

Dan na een bakje met het lid van dienst, zet ik de kleine goaltjes klaar en is het wachten op de minies. De speciaal aangeschafte Heerenveen en Oranjeshirts komen uit de tas en dan begint het feest. Het mooie is dat er tijdens de wedstrijdje van alles gebeurt. Zo vraagt er iemand of ik mijn kale hoofd die ochtend wel gekamd heb. Een ander bedenkt opeens, terwijl hij een fantastische solo ingezet heeft, dat ik toch echt op dat moment moet weten dat heit een nieuwe auto heeft. Iemand gaf me vol trots een fantastisch knutselwerk van waterkraaltjes met Feyenoord logo. Als fervent PSV-supporter twijfel ik daar niet over, die hang ik gewoon thuis op, onbetaalbaar!

Hoewel het spelen in de mini-league geen enkele garantie biedt voor het halen van het 'eerste', zou het zo maar kunnen. Ooit zijn Hendrik, Jaap, Remco en noem alle toppers maar op, ook ergens begonnen. Sterker nog, als er een nieuwe minileague topper aanmonstert en meteen in het bloedmooie oranje EK'88 tenue gehesen wordt, fantaseer ik wel eens dat hij of zij in 2038 voor oranje het winnende doelpunt van de wk finale maakt. Als dan de interviewer na afloop vraagt wie hem of haar de eerste voetbaltrucjes heeft geleerd, het antwoord is: mijn eerste trainer van de fuotbalferiening SDS, út Easterein. Dat zou wat zijn. Het gaat niet om een persoon, maar om de club. We doen het samen, al 75 jaar en nog vele jaren erbij!

Tjerk van der Pol





Boppe: Lieder Robert Sijbesma,
Harmen Joustra, Syan Bults,
Redmar de Boer en
Sido Greidanus
Under: Sven Sijbesma,
Evert-Jelle de Jong Hylke
Tuinstra en Joutzen van Ruiten



Op in rygje: Hidde Wijnia, Melle de Boer, Jesse Kuiper, Senne Dijkstra, Roan Terpstra,
Wybren Politiek, Jort Bootsma, Stijn Kuiper, Brend Toering en Geanna Dijkstra





FRIJWILLIGERS DE SMAROALJE FAN SDS

By SDS binne al 75 jier ploechjes manlju dy't allerhanne putsjes yn en rûn it fjild dogge. Foardat de leden traine of sneons in wedstriid spylje op Skoalleseize, is der troch de mannen al in protte wurk fersetten. It ûnderhâld fan it fjild, it materiaal, de klaiboksen en kantine dy't skjinmakke wurde, mar de hapkes en snapkes moatte ek oanfolle wurde. It slagget net om alle nammen te neamen dy't harren ynsetten hawwe al dy jierren, mar wat is der in wurk fersetten.



Klaas Overal

Rûnom it fjild hâldt Klaas Overal alles yn de gaten. As 16 jierrige begjint hy by SDS te fuotbaljen en is nea wer fuortgien. Baukje syn frou fynt har plakje ek yn de klup. Sy sit krekt as Klaas jierren yn it bestjoer. By it 25 jierrich jubileum fan SDS giet Klaas mei Tsjibbe Velzen rûn mei in list en sy biede it bestjoer in flagge mei mêst oan. By it 50 jierrich bestean komt der in nije. Yn 2017 wurdt der in nije flagge oanbean troch de "materiaalman-nen" Klaas de Haan, Lolke Bouma, Willem Twijnstra, Douwe-Dirk Reitsma, Johannes Nauta, Oetze Paauw, Klaas Overal en Andries Stuiver.

Klaas Overal is geregeld oan it snoeien, meant de kantsjes efter de sporthal en it B-fjild. De reklamebuorden makket hy skjin. Foar de wedstriden kriget hy help fan de kalkploech: Piet Kempe, Tamme de Boer en Willem Twijnstra. By de oanlis fan it keunstgersfjild yn 2016 nimt Klaas Overal de lieding. Alle tegels derút en letter alles wer opnij bestrate. Help fan jeugd- en senioareteams, alle jûnen binne der nije helptroepen. Rûnom wurde tegels ophelle, neffens Klaas in geweldige tiid. Neist alle putsjes flagget Klaas ek al 50 jier by ferskillende teams.

Andries Stuiver rint ek al mear as tritich jier rûn by SDS, as coach, help by de Treffer. No is hy al jierren ferantwurdlik foar it fjild ûnderhâld. Andries meant alle fjilden en rûn de jeu de boules baan. It A-fjild moat sa no en boarstele wurde.



Andries Stuiver



Willem Twijnstra drok dwaande om in boks skjin te meitsjen

As der wedstriden op de agenda steane komme der noch folle mear frijwilligers yn aksje. Willem Twijnstra en Klaas de Haan hawwe it behear oer de ballen, dy wurde oppompt. Mei harren soargje Geart Dijkstra en Lolke Bouma dat de flaggen ophong wurde. De netten yn de goals, de korerflaggen te plak. Pier Faber naam syn plakje yn by it kaartferkeap hokje by de wedstriden fan it earste, hy hat dit mear as tritich jier dien lykas Sicco Scheltema. By it oprêden meie de mannen net oan ien cornerflagge komme, dy is fan Willem Twijnstra, hy hat him sponsore by de oanlis fan it keunstgersfjild. Nei de wedstriden wurdt alles wer kreas opromme troch de mannen.

De fitte futters

Moandeitemoarns rûn 8.30 oere binne Sietse van Schepen, Lolke Bouma, Roel Sijbesma, Klaas de Haan, Theo Jelsma, Sietse Kooistra en Geart Dijkstra (sjoch de foto) alwer op de Skoalleseize. Klaas de Haan makket hoeddedei de boksen skjin, dat hat hy oernaam fan Sietse Kooistra. Klaas kom je yn de rin fan de jierren ek oeral tsjin by SDS. As trainer, lieder of grinsrjochter fan ferskillende teams.

Om 9.30 oere drukt Theo it knopke yn foar de kofje. Elkenien hat syn eigen hoekje wat skjinmakke wurde moat. De foarrie wurdt byfult en besteld, de keuken, bar, w.c. en bestjoerskeamer wurde skjinmakke. De kantinefluer fage en skrobbe en de stuollen wurde klearsetten foar it korps. Geart Dijkstra is foar de reparaasje fan it meubilêr en hy hâldt de klokken yn de gaten foar de simmer- en wintertiid. De konteners moatte ek



noch by de dyk. Oan de ein fan de moarn komt Roel mei it skelkje foar mei wat drinken en stikjes oerbleaune gehakballen fan sneon. Eartiids alle wiken bakt troch Harm Bergsma. Neffens de mannen dogge hja it mei wille en as hja gjin nocht hawwe, wurde hja dochs troch de froulju it hûs útskopt.

Hast 40 jier waskfrou

Thea Kooistra-Joustra is waskfrou fan de shirts fan it tredde wurden doe't harren soan Jaap lieder wurde fan it tredde. Dêr binne letter it earste en twadde ek noch by kaam. By smoarge griene plakken wurde de shirts ynsmart mei griene sjippe en dat wurket noch altyd. Somtiden wurde de shirts nochris yn de masine stoppe. Alles komt bûten oan de line, neffens Thea is it samar drûch. Hjoeddedei bringt noch ien team de wask. Sy fynt it noch altyd moai wurk. Sietse har man bringt as alles wer skjin is de shirts nei it ballehok. Neist it waskjen binne de Kooistra's noch altyd belutsen by SDS, Sietse en Thea hawwe jierren yn de kantine stien, soan Jaap en dochter Gida sieten yn it bestjoer en Hans hat ek geregeld de hannen út de mouwen stutsen.

Anna-Marie Wijnia-Kuindersma




Quin Hoitinga

JO8-3



Sjoerd Jinte Dijkstra

JO8-3




Tygo Feenstra

JO8-3




Fender Flisijn

JO8-3




Ids Harmen Politiek

JO8-3



Lennert Rypma

JO8-3



Melle Wiersma

JO8-3



Ynze Fedde van der Valk

JO8-3



Brent Rispens

JO8-3



Boppe: liederes Andries Wiersma en Gerrit Flisijn
Under: Tygo Feenstra, Brent Rispens, Sjoerd Jinte Dijkstra, Lennert Rypma, Ynze Fedde van der Valk, Melle Wiersma, Quin Hoitinga, Fender Flisijn en Ids Politiek





FROULJUSFUOTBAL BY SDS

In kletsend groepke, sa no en dan ûnderbrutsen troch ferskillende lachsalvo's en natuerlijk de lange hieren yn in sturt. De ôfrune jierren wie dit it byld foar (en soms tidens) de trainingen op moandei- en woansdeitejûn bij de dames fan SDS. Helaas komt hjir nei sechtjin jier in ein oan. Der binne net genoch dames om takom-mend seizoen in alvetal te folgen. Yn de skiednis fan SDS is dat net de earste kear dat de damestak in dip hat. Fan 1970-1983 wie der ek in damesalvetal foar SDS aktyf. Mei Attie Zijlstra, Marije Hiemstra en Sieta Tessemaker gie ik yn gesprek oer it damesfuotbal fan SDS.

Fan SDS nei Noord-Nederlands elftal?

Attie Zijlstra is hjoed de nestor, sy wie destiid it grutste talent fan SDS en is de ienige SDS'er dy't in selectie-wedstrijd foar it Nederlands elftal spile hat en yn it Fryske- en Noord-Nederlandske team siet! Marije en Sieta sjogge op at ik Attie's skiednis opneam. 'Dit wisten wij helemaal net!' roppe se út. Attie wuift de komplimen-ten fuort, 'we hienen in hechte ploech en folden elkoar moai oan! We wienen in kollektyf. Tineke Boersma en Janny Klijnstra wienen ek scouten foar it Fryske team.' Helaas wie de carrière fan Attie krachtich, mar ek koart. Op achttjin jierige leeftiid, rekke Attie blesseard by it sealfuotbal. It fuotbaljen wie dernei oer, it dames-fuotbal by SDS in pear jier letter ek. Tot der jierren letter wer in nij damesteam opstie, mei Marije en Sieta yn de gelederen.



1975 SDS Vv1
steand: Jan de Jong (trainer), Tineke Boersma, Boukje de Jong, Renske Kooistra, Janke van der Valk, Alie Klijnstra, Melina van der Valk, Jeltje Wijngaarden, Winnie de Boer (lieder), Wiebe de Boer (lieder)
op hurken: Jannie Klijnstra, Jetske van Beem, Atty Zijlstra, Jannie Kooistra, Jetske Reitsma, Yvonne Visser, Ankie de Boer, Thea Sixma

Damesfuotbal yn golven?

Bij de fraach hoe't it kin dat it damesfuotbaljen nei in oantal jier wer stoppet, is it earst even stil. Mar al snel nimt Attie it wurd: 'Jongens wurde fan jongs of oan grutbrocht mei it fuotbaljen en dat is oars bij famkes. Letter yn de tiid at froulju studearen gean en ferhûzje dan komme se net sa snel werom en natuerlijk at se yn ferwachting binne dan binne se der in tiid út.' Marije jout oan dat se no net ferwachte hie dat de dames te min spylsters ha. In pear jier ferlyn wienen der noch twa jeugdteams, mar helaas binne dy teams fan needs al earder trochstreamt. De trochstream is no opdrûge en wurkje, skoalle of it fier fuort wenjen soargje derfoar dat der te min dames binne, leit Sieta de hjoeddeistige situatie út. It is de twadde entûsjaste damesgolf dy't helaas wer delbêde is, mar hoe wie dy golf eigentlik ûnstien?

Freondinnenklup



De earste training
Boppe: Marije de Vries-Postma, Tryntsje Kooistra -Bouma, Teatske vd Werf- de Boer, Anke de Noord - Postmus, Nellie Stoffelsma, Mariska Haaksma- Fritsma en Marcel Frankena
ûnder: Geeske Strubbe-Yntema, Jildou Jorritsma, Marije Schurer - Hiemstra, Myriam de Boer, Mirjam Bakker en Sietske Okkema

Marije stie oan it begjin fan de twadde golf. As Eastereinder gie se krekt as de oare bern op keatsen, der-neist wie der it folleybal foar de famkes en it fuotbal foar jongens. Mar troch it skoallefuotbal waarden se wol entûsjast makke. As jonge dame stie se al gau ris om it fjild fan SDS by de jonges te sjen. De Eastereinder basisskoalle freondinnen woenen dat spultsje ek wolris besykje. No't se allegear op de middelbere skoalle sieten hienen se ek wer oare kunde krigen. Sa waard de groep grut genôch foar in serieus team. Geeske Yn-tema frege de trainer fan it earste (Marcel Frankena) foar in pear trainingen. Dit smakke bêst en dernei namen Akke Rixt Zijsling en Annet Okkema-Kooistra it oer. Nei in healjier waard it echt serieus yn Us Gebouw waard der in informaasjejûn holden foar spylsters en alders troch André Vink. Hij waard de entûsjaste lieder fan de dames. Trije famkes dy't bij de jongens spilen waarden ek frege om oan te sluten. Neist Mette Postma en Amarins Tjalsma wie dat Sieta Tessemaker. Sieta wie as alve jierich famke ek op skoalle enthousiast makken troch it fuotbaljen.

De gevoelens fan doe soargje no foar ferraste reaksjes: 'Ik wie fereerd doe't ik freege waard foar it dames-team.' 'Fereerd?' reageert Marije, dat gevoel hienen sy ek oer de komst fan Sieta en dy: 'wij krije trije échte fuotballers derbij!' Yn dy tiid regelden de dames noch in soad self fan tenues oant de trainers. Mei Bauke Dijkstra en Sytze Kooistra kamen der twa nije entûsjaste trainers. It entûsjasme wie sawol binnen as bûten it fjild te merken, der waarden trainingskampen organisearrt en ek it meidwaan oan it iepen Frysk kampioenskip yn Frentsjer soarge foar in soad wille.



Dy iene goal



Dames kampioen yn de 5e klasse:

Boppe: Paul Walstra, Ilse Walstra, Kirsten Hiemstra, Agnes Posthumus, Amarins Tjalsma, Wiebrig Anna Bruinsma,, Ly-sanne Wiersma, Gerry-Edou Mollema, Geeske Strubbe-Yntema, Alize Bootsma, Jacomien Heeres.

Under: Sieta Tessemaker, Janieke Dijkstra, Tjitske Heeres, Jeska Terpstra, Dagmar Tjalsma, Akke-Rixt Zijsling en Hester Kingma.

No't it oer de hichtepunten giet, komt de iene nei de oare anekdote op tafel. De gesichten begjinne te stralen en de gedachten gean werom yn de tiid. 'Dy allerearste wedstriid, we ferlearen mei 15-1, mar we hienen skoart! En natuerlik de wedstriden tsjin Tsjom. Sy wienen tagelijk mei ús begong en we koenen ús aardich oan elkoar mijtte.' De trainingen betellen sich út, in stiegende line wie sichtber. De earste oerwinning smakke swiet, yn de kreaker tsjin Tsjom wûnen de dames mei 6-3. Sieta jout in beknopte gearfetting fan de sukses-sen fan de dames dernei: yn 2016 waard it damesteam kampioen yn de 5e klasse, yn 2018 kamen se yn de heale finale fan de beker en de lêste jierren spilen de dames yn de 3e klasse.

It moaiste oantinken fan Attie is ek in bekerwedstriid. 'De tsjinstanner wie Bakkefean of Beetstersweach, dat wit ik net mear, mar it wie in geweldige wedstriid!' It is krekt of sjocht Attie it wer foar har, as in radioreporter beskriuwt se de goal dy har sa bybleaun is. 'Fia de sydkant krige ik him, ik joech him foar en Aly Klijnstra nimt de bal op de slof! Yn ien kear, raak! Wat in goal fan Aly Klijnstra!' Wij sjogge it foar ús en it bringt ek by Sieta oantinkens nei boppe, sy skoarde tsjin Bolsward in frije traap der yn ien kear yn se sjocht Marije oan, 'En dy iene goal fan dy!' Marije wit it foartendaliks: 'Us aksje belâne bij de keeper, dus wij draaiden ús wer om nei de eigen helte. De keeper skopte him út en doe rôp ien, 'Hé Marije!' Ik draaide my om en seach de bal oankommen. Ik sjitte de bal sa oer elkenien hinne wer de goal yn!'

Takomst

De moaie oantinkens sille bliuwe, mar nije oantinkens sille der fanôf takommend jier net mear makke wurde. Of? De dames dy't oerbliuwe ferspriede har oer ferskate klups, mar de measten geane mei de hjoeddeiske trainers: Johan Wittermans en Richard de Greef mei nei Boalsert. Mar it entûsjasme dat sa karakteristyk is foar de dames bliuwt. De hurde kearn bliuwt troch fuotbaljen by SDS, mar dan yn lytser komitee op de freed-tejûn. De kletsende dames, sa no en dan ûnderbrutsen troch ferskillende lachsalvo's en natuerlijk de lange hieren yn in sturt, dy kinne net mist wurde bij SDS!

Harmke van der Werf

DE TREFFER, SDS-WEBSITE EN TWITTER

De Treffer, it klupblêd fan SDS is begong yn 1970. De klup bestiet dan al 23 jier. Kommunikaasje fynt earst plak fia de mûle, fia briefkes dy't bij de doar lâns brocht wurde en fia briefkes yn ynformaasjehokjes dy't yn Easterein en Wommels steane. Op freed kinne je yn dy hokjes de seleksjes sjen en bij wat reinich waar kinne je op sneontemoarn sjen at it wol of net troch giet. Wannear je krekt sjen moatte is net dúdlik , soms wurde je letter ferrast dat it dochs net trochgiet. "It stiet yn Wommels net trochskrast", kinne je dan wol ris heare, at je foar neat yn Easterein oankomme.

De Treffer bringt op dat stik fan saken noch gjin ferbettering. It is ynformaasje efterôf. Al hoe moai de Treffer der fanôf 1998 ek útsjocht, aktueel is dy net. It ynternet is yn de jierren 70/80 noch yn ûntwikkeling mar yn it begjin fan de jierren 90 is it bij it grutte publyk ek bekend en wurdt it brûkt. De redaksje fan de Treffer sjocht yn dat foar aktuele ynformaasje ynternet nedich is. Sij komme dan ek bij it bestjoer fan SDS mei de fraach at sij in webside foar SDS ek nedich fine en sitten sjogge. It bestjoer sjocht it sitten en Wouter Jorritsma fan Tricat (no Freez.it) giet oan it bouwen mei oanwizingen fan de Trefferredaksje, dy't wol in idee hawwe hoe't se it ha wolle.



Op 4 novimber 2002 om 16.42 oere (no hast 20 jier lyn) is www.vv-sds.nl online. It hat wat fuotten yn 'e ierde hân, mar hjoed is dan de webside fan SDS de loft yngien. De Treffer-redaksje hat tegearre mei Wouter Jorritsma hjir oan wurke. Wouter hat meast de opset dien en wy as redaksje haw-we oanwizingen jûn hoe it der neffens ús ûngefear útsjen moast. Wy hawwe dernei wat gegevens ynfierd. Wy hoopje dat jimme der in soad plezier fan hawwe sille. Der komme fan út de Trefferredaksje twa webmasters, dy't no nei 20 jier noch altyd aktyf binne. Willem Wijnia en Aant Hofstra bringe at it wat slagget alle dagen wat nije ynformaasje en hawwe foaral each foar wat de leden bynt yn de brede sin fan it wurd. Fuotbalprestaasjes, leaf en ljen, in snútslach hjir en dêr, seleksjes, foto's en bijsûndere aksjes lykas "SDS-ers der op út", "fen fan", "Southpark SDS-ers " en de "Clarence sluiertrofee".

De webside is ek it digitale argyf wurden. De prestaasjes fan SDS 1 sûnt 1954 stean der allegear op (foar sa fier se te finen binne) en ek in protte kranteberjochten ûnder it kopke "SDS-ers yn it nijs" hawwe in plakje krigen. Yn "wêr bliuwt de tiid" in galerij fan SDS-ers dy't der net mear binne. De lêste

jierren is it al taret mar it kommende jier wurde alle alvetal foto's dy't beskikber binne fersjoen fan de nammen fan de spilers en op de webside pleatst. Wer in stikje argivearen.

De SDS league is al sûnt 1996 oan de gong en dy komt op de webside hiel goed ta syn rjocht. Mei in league bij EK of in WK kin der op de webside in moaie aktuele striid bij holden wurde. Sa binne der no al 60 leagues west. 8020 items binne der pleatst sûnt 2002. Dat binne der sa'n 400 per jier en dat is mear as ien per dei, want dat is in bytsje it útgongspunt. De wepperkes binne ûnderwilens oeral bekend en it feit dat de webside Frysktalich is, makket it frij unyk.

It hâld net op bij in webside. De tiid giet troch, de ûntwikkelingen ek en op 29 febrewaris 2012 (10 jier lyn) komt der in SDS twitter akkount. Flugger kinne je ynformaasje net diele oan de 866 folgers dy't der no binne. Yn de lêste 10 jier binne der 8700 sokke Twitterberjochten op ynternet setten en dat is sa'n 17 per wike. Twitter hat no foaral ek de funksje fan oankundigje dat er wer nijs op de webside stiet. Facebook en Instagram sille de kommende jierren miskien ek wol mear en mear in rol spylje. Of komt der wer wat nijs?









Aant Hofstra



SEIZOEN
2021-2022

SDS JO8-4

SDS-MINILEAGUE



Boppest: Lieders Harm-Auke Dijkstra en Dirk de Jong
Boppe: Mika de Jong, Lisa Hoekstra, Redmer Kamstra en Jesse van der Ploeg
Under: Sinne van der Ploeg, Wout Dijkstra, Niels van der Laan en Tijs van Wijngaarden



grafische groep van der eems